


Frysk Keunstynstitút

F07-1992

jierferslach



1992

067.22:353:718 (060.555)(492.71)

Boekmanstichting - Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. 6243739

Jierferslach 1992

Boekmanstichting - Bibliotheek
Herengracht 415
1017 BP Amsterdam
Tel. 6243739

Jierferslach 1992

Ljouwert, 1993

Jierferslach 1992

<i>Ynhâld</i>	<i>side</i>
1. Ynliding	1
2. De organisaasje	3
2.1. Untwikkeling	3
2.2. Bestjoer	7
2.3. Stichtingsried	7
2.4. Kommisjes	8
2.5. Meiwurk(st)ers	9
3. De aktiviteiten	11
3.1. Byldzjende keunsten	11
3.2. Poadiumkeunsten	14
3.2.1. Dûns	14
3.2.2. Muzyk	16
3.2.3. Toaniel	18
3.3. Aktiviteiten	20
3.4. Dokumintaasje	24
3.5. Stipe	26
3.6. Ferskaat	27
4. Bylagen	29



wike fan de keunst



1. *Ynlieding*

Dit is it twadde jierferslach fan it Frysk Keunstynstitút en tagelyk it lêste.

Op 27 maaie 1992 namen de Steaten fan Fryslân it beslút om it Frysk Keunstynstitút per 1 jannewaris 1993 net langer te subsidiearjen om it dêrmei frijkommen jild, minus in foarse besuniging, brûke te kinnen foar in nije organisaasje mei taken sawol op it mêd fan de keunsten, as fan de keunstsinnige foarming.

Krekt doe't it Frysk Keunstynstitút moai begûn te rinnen: de oanrinproblemen oplost wienen, it beliedsplan foar de kommende jierren fêststeld, de oergong fan it emansipa-toarysk-edukatyf wurk foar froulju realiseard en de eardere bilokaasje opheven, waard it dúdlik dat alles wer oars moast.

It seit himsels dat it Frysk Keunstynstitút om mear as ien reden bot ûngelokkich wie en is mei de hiele gong fan saken.

Dat jildt yn it foarste plak nei de meiwurk(st)ers ta dy't nei de yn 1988 úteinsetten en trije jier duorjende reorganisaasje fan de saneamde advys- en oerlisstruktuur, nei amper in jier wer konfronteard waarden mei stagnaasje yn it wurk en grutte ûnwissens oer de eigen beropstakomst.

Dat jildt yn it oarde plak nei it wurk ta dat, hoewol't besocht is dat yn it hiele jier sa goed mooglik fuort te setten, te lijen krige fan it ferdwûne takomstperspektyf, de earste -net ynfolde- fakatueres en de enerzjy dy't sa'n yngripending feroaringsproses freget.

Dat jildt yn it tredde plak nei de organisaasje ta dy't krekt moai op gleeed rekke. De ûnderskate funksjes begûnen op elkoar ynspile te reitsjen, in breed droegen beliedsplan wie fêststeld en it elan fan it nije like de nedige kânsen te krijen. It beslút om yn ien kear wer in hiel oare kant út te wollen, betsjut yn dat ferbân in regelrjocht kapitaalferneatigjen.

Dat jildt yn it fjirde plak nei de troch de Provinsje folge prosedueren. Yn earste ynstânsje seagen de provinsjale plannen der hiel oars út en wol sa dat der praat wurde koe fan in trochlûken fan de eardere besluten oangeande it Frysk Keunstynstitút. Yn de rin fan it proses waard de koerts lykwols alhiel ferlein, mei as gefolch it úteinlik beslút om ta in hiel nije organisaasje te kommen. Yn de praktyk sil 'hiel nij' lykwols mar relatyf wêze, om't en finansjele en arbeidsrjochtlike omstannichheden der ta twinge om bestaand personiel op 'en nij yn te setten. De provinsjale oanpak en de útsprutsen en net-útsprutsen betinkens, fertsjinje yn de eagen fan it Frysk Keunstynstitút gjin applaus.

Hieltiten wer die bliken dat der amper praat wurde koe fan koöperaasje tusken de Provinsje en de belanghawwende organisaasjes.

It hie it Frysk Keunstynstitút leaver west as dat oars west hie. Soks hie ek grif better west foar it te ferwachtsjen einresultaat.

Op 31 desimber 1992 hie it Frysk Keunstynstitút noch hieltiten gjin formeel berjocht oer de troch de Provinsje nommen besluten oangeande syn takomst krigen. Hie dat wol it gefal west, dan hie op dit plak meld wurde kinnen dat it bestjoer fan it Frysk Keunstynstitút, mei op grûn fan de hjirfoar oanjûne fjouwer punten, besluten hie om lâns it paad sa't de Wet Arob dat wiist, beswier tsjin de provinsjale besluten oan te tekenjen.

Nettsjinsteande alle ûnwissens en de enerzjy dy't in proses as dêr't de Steaten yn maaie ta besluten hawwe, freget, hawwe de meiwurk(st)ers fan it Frysk Keunstynstitút mei ynset en faasje harren wurk dien. Dêrfoar past op dit plak grutte tank.



wike fan de keunst

2. *De organisaasje*

2.1. *Untwikkeling*

Op 22 jannewaris 1992 koe de Stichtingsried him oer it beliedsplan foar de jierren 1992-1995 en it wurkplan foar 1992 bûge. Dêrnei stelde it bestjoer ien en oar fêst en koe "**Tusken ambysje en werklikheid**" nei bûten ta brocht wurde.

Dy titel jout de rjochting fan it wurk fan it Frysk Keunstynstitút wer. "It Frysk Keunstynstitút wol net stean bliuwe, mar de gong der yn hâlde. It Frysk Keunstynstitút wol de keunsten yn Fryslân stypje, troch in aktive en ynspirearjende rol te ferfoljen, rjochte op it kwalitatyf fersterkjen fan it oanbod op it mêd fan de keunsten yn Fryslân."

Dat útgongspunt waard útwurke yn:

- de foarstap ta en it ta stân bringen fan projekten en aktiviteiten boppe it al besteande oanbod. Dêrby moat it gean om saken dy't fierder as ien wurksoart geane en/of sa nijsgjirrich binne dat it om dy reden allinne al nedich is dat it yn Fryslân bart;
- it befoarderjen fan de deskundigens fan de keunstsektor troch it oanbieden fan kaderkursussen, ûntwikkelingsprojekten en de organisaasje fan lêzings en diskusjerûnten;
- de help en stipe oan en de begelieding fan it wurk fan de ûnderskate organisaasjes op it mêd fan it Frysk Keunstynstitút;
- de dokumintaasje fan it oanbod, it wurk en de ûntjouwings op it gebiet fan de keunsten;
- de promoasje fan en de foarljochting oer de sektor keunst;
- de akwisyse en begelieding fan opdrachten en
- it edukatyf begelieden fan projekten.

It bestean fan it beliedsplan en wurkprogram of ek it jierferslach oer 1991 spile gjin inkelde rol yn de yn april útein setten diskusje oer de takomst fan it Frysk Keunstynstitút. Blykber is de eksterne wurking fan ditsoarte fan stikken net grut.

Lykas yn 1991 wie it Frysk Keunstynstitút twongen om op de provinsjale plannen mei it wurk op it mêd fan de **byldzjende keunsten** te reagearjen. Yn de yn febrewaris nei bûten kommen nota oer de byldzjende keunst waard net langer útsteld om de byldzjende keunst dokumintaasje by it Fries Museum ûnder te bringen, mar no moasten de edukatyf meiwurkster en de technysk artystyk meiwurker mar nei it Fries Museum ta. Yn de eagen fan it Frysk Keunstynstitút betsjutte soks in trochbrekken fan de ienheid fan wurkjen binnen de stipefunksje foar de (byldzjende) keunst en dêrmei in ferskraling fan de hiele stipefunksje.

It kaam op dat stuit lykwols net ta in útdroegen saak, om't de behanneljende steate-kommisje it beslút naam ien en oar te ferskoven neidat de beslútfoarming oer it opheffen fan de troch it Ryk opleine ISP-besunigings, plakfûn hie.

Op 1 april 1992 ferlieten de trije meiwurksters foar it **emansipatoarysk-edukatyf wurk foar froulju** it Frysk Keunstynstitút, neidat it nije Emancipatiebureau Friesland ta stân kommen wie en it oerlis oer de oergong fan minsken en guod ta in goed ein brocht

wie.

Op 3 april 1992 koe op in feestlike gearsit yn de kosterij fan de Grutte Tsjerke en yn oanwêzigens fan in grut tal relaasjes, ôfskie nommen wurde fan de trije meiwurksters. Dêrmei kaam in ein oan in tidrek dat yn 1975 mei it Frysk 'Jier fan de Frou' útein set wie.

De earste helte fan it ferslachjier waard brûkt om te besykjen de besteande **húsfestingsproblemen** op te lossen. It yn 1991 útein setten mienskiplik oplûken mei de Fryske Toanielstichting Tryater waard fuortset en liede û.m. ta plannen mei it Ljouwerter Arendstúnkompleks en it op it foar en tsjin besjen fan it eardere militêr hospitaal yn Ljouwert, mar net ta konkreet resultaat.

Yn de twadde helte fan it ferslachjier makken de provinsjale plannen mei it Frysk Keunstynstitút dat it krewearjen op dit punt op in sêft pitsje set waard.

Wol kaam der in ein oan de bilokaasje fan de meiwurk(st)ers, doe't, mei mooglik makke troch it ferdwinen fan it frouljuswurk, de twa provinsjale toanieladviseurs op 29 april romten yn de gebouwen oan de Ljouwerter Grutte Tsjerkestrjitte krigen. De eardere romten fan it Frysk Toaniel Ferbân bleaunen noch beskikber foar kursusaktiviteiten en opslach. Dat lêste wie ek nedich, om't der in nij plak fûn wurde moast foar de depotromte byldzjende keunst dy't net langer hierd wurde koe yn ferbân mei fernijingsplannen fan de kant fan de ferhierder. Dy depotromte waard flakby de kantoarromte fûn, allinne wol aardich lytser as wat feitlik nedich wie.

Om de personele mooglikheden fan de organisaasje te fergrutsjen, waard kontakt socht mei de Stichting **Werkwijzer**, doe noch de Stichting Banenpool yn Ljouwert.

Dat hat per 1 augustus 1992 resulteard yn de komst fan in konsjerzje, dy't him yn koarte tiid bewiisde as in grutte oanwinst foar de organisaasje, sawol troch it wurk eigen oan in konsjerzje, as troch it út hannen nimmen fan it wurk fan byg. de administraasje, dy't dêrmei better oan it eigen wurk takaam.

Per 1 oktober 1992 koe yn it selde ramt in konsulint popmuzyk mei syn wurk útein sette. Dêrmei waard in al lang besteande winsk om op dat wichtige wurkfjild it nedige dwaan te kinnen úteinlik ferfold. De funksje fan konsulint popmuzyk wurdt ferfold yn nau gearhingjen mei de Stichting Friesland Pop.

De omfang fan de **administrative formaasje** foarme it hiele jier in knypstip yn de organisaasje, mei feroarsake troch in earder tasein, mar úteinlik net realiseard heal formaasjeplak op dat mêd. Lokkich makke de komst fan de konsjerzje yn de rin fan it jier dat knypstip aardich lytser.

In probleem dat net oplost waard, wie de duorjende **likwiditeitsproblemen** dêr't de organisaasje mei te krijen hie. In útstel om ien en oar op te lossen, waard net troch de Provinsje honoarde en dat betsjutte in ferkearde ôfhinklikens fan de kûlânsje fan de bank en ûnevenredich hege rintekosten.

Op 28 jannewaris 1992 fûn in earste ynformeel moetsjen pleats fan in delegaasje fan de bestjoeren fan de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland en it Frysk Keunstynstitút om te besjen wat, mei yn it ljocht fan dat wat de Steaten op 19 desimber 1990 besluten, der mooglik wêze koe op it mêd fan **oparbeidzjen** of noch fierder.

Dat oerlis krige syn ferfolch yn oerlis op direksjenivo, mar soe net fierder brocht wurde doe't it Kolleezje fan Deputearren op 1 april 1992 nei bûten kaam mei syn plannen ta it opheinen fan de **ISP-besunigings**.

Dy plannen wienen benammen desastreus foar de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland. It subsydzje fan dy organisaasje waard ynlutsen en it Frysk Keunstynstitút

krige per 1 jannewaris 1993 ekstra middels om de stipefunksje keunstsinnige foarming te ferfoljen.

Dy útstellen pasten yn de besluten dy't de grûnslach foar it Frysk Keunstynstitút foarmje en ek it betinken sa't dat byg. op 4 maart 1993 yn de oanbelangjende Steatekommisje op tafel kaam.

Al gau waard it lykwols dúdlik dat it Frysk Keunstynstitút him gjin yllúzjes oer it ferfolch hoechde te meitsjen.

In iepen brief fan in tal lju út de hoeke fan de poadiumkeunsten, pleitte op 10 april al foar it oerein hâlden fan de keunstsinnige foarming, troch ek it wurk fan it Frysk Keunstynstitút yn de ôfwaging mei te nimmen.

Dat brief makke yn elts gefal ien ding goed dúdlik: kollega's wienen yn ien slach ta konkurrinten fan elkoar wurden.

Op de deis nei Peaske hâlden saneamde harksitting, waard de mei it iepen brief ynsetten offensyf tsjin it Frysk Keunstynstitút troch deselden mei krêft fuortset, sûnder dat it Frysk Keunstynstitút sjoen de op tafel lizzende provinsjale plannen, dêr wat tsjin begjinne koe.

Yn de dei dêrop hâlden sitting fan de steatekommisje die bliken dat ien en oar ek yn de rjochting fan de polityk net sûnder fertuten bleaun wie. De ferantwurdlik deputearre achte it net iens nedich om it eigen útstel ditoangeande te ferdigenjen en dêrmei wie it Frysk Keunstynstitút sûnder oerlis of tsjinwurd yn it laberet brocht.

It op 19 maaie 1992 nei bûten brochte nije útstel fan de kant fan it Kolleezje fan Deputearren wie suver noch slimmer, as al ferwachte wurde mocht: de beide besteande organisaasjes mar hielendal opdoeke en mei folslein wat nijs begjinne.

It sprekt himsels dat it Frysk Keunstynstitút dêr bot op tsjin wie. En nei't nei de gearkomste fan de steatekommisje al útsteld wie om te kommen ta "in yntegraasje fan oant no ta ôfsûnderlik ferfolde taken. Wy tinke dêrby oan in opset mei in fiiftal wurkferbanen, te witten foar de byldzjende keunsten, de poadiumkeunsten (de film ynbegrepen), de keunstsinnige foarming, de aktiviteiten en de administrative tsjinstferliening," waard de Steaten fan Fryslân no dúdlik makke dat "der it maklikst en it hurdst ta in yntegraasje fan taken fan sawol de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland as it Frysk Keunstynstitút binnen it ramt en de fuortsetting fan it Frysk Keunstynstitút kommen wurde kin.

Boppedat pleitet it feit dat it Frysk Keunstynstitút der noch mar sa krekt nei in wiidweidige reorganisaasje is foar sa'n oanpak.

Op 19 desimber 1990 hawwe jimme besluten ta it oprjochtsjen en yn stân hâlden fan it Frysk Keunstynstitút û.m. mei it fêststellen dat alle stipefunksjonarissen foar de keunsten yn tsjinst fan it Frysk Keunstynstitút komme soenen. Dy oanpak jout hiel wat minder swierrichheden as de kar foar in nije organisaasje. Dêrby hoecht de ynbring fan alle belanghawwenden perfoarst net lytser te wêzen.

De earder diene beslútfoarming en de doe wekte ferwachtings wurde no yn ien kear oan de kant set. Wy fine dat wy it ús personiel net oandwaan kinne om nei in drege tiid fan opdoeken en wer oprjochtsjen dat alles nochris trochmeitsje te moatten."

Ien en oar mocht lykwols net helpe. Op 27 maaie 1992 namen de Steaten fan Fryslân it beslút om per 1 jannewaris 1993 in nije organisaasje foar de keunsten en de keunstsinnige foarming te realisearjen mei in subsydzjebedrach lyk oan dat foar de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland en it Frysk Keunstynstitút, minus in bedrach fan ien miljoen gûne. De nije organisaasje soe der komme moatte lâns it paad fan in projektor-

ganisaasje dêr't ek it Frysk Keunstynstitút foar frege waard oan mei te dwaan.

Al op 11 juny 1992 fûn in earste oerlis dêroer op funksjonarisse-nivo pleats, wylst op 25 juny 1992 in earste bestjoerlik oerlis pleatsfûn.

Yn dat oerlis waard fan de side fan it Frysk Keunstynstitút in konstruktif meidwaan tasein, mar tagelyk in foarbehâld makke foar safier't it om it gebrûk meitsjen fan de yn dizzen troch de wet beane mooglikheden ta it meitsjen fan beswier, gie.

Op 18 augustus 1992 soe dêrnei de earste gearkomste fan de troch de Provinsje ynstelde projektgroep pleatsfine, op 14 septimber 1992 folge troch in earste gearkomste fan de stjoergroep, dêr't twa bestjoersleden fan it Frysk Keunstynstitút in sit yn namen.

It wurk yn dy saneamde projektorganisaasje konsintrearde him oan de iene kant op it meitsjen fan in ûntwerp foar de nije organisaasje, sa't dat úteinlik resultearde yn in útstel "Hoofdstructuur Instituut voor de Kunsten" en oan de oare kant op de prosedurele aspekten.

Sa like de Provinsje wat al te maklik oer de arbeidsrjochtlike en sosjale aspekten fan de hiele operaasje te tinken en moast der lang praat wurde oer de wurking fan art. 1639aa e.f. fan it NBW, de posysje fan de dielnimmende partijen yn de operaasje en de kwestje fan fúzje al of net, in sosjaal plan al of net en in sosjaal statút.

Op 30 oktober 1992 lei der in útstel foar in nije organisaasje op tafel dat troch de trije partijen: Provinsje, Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland en it Frysk Keunstynstitút, droegen like te wurden. Fjirtjin dagen letter die lykwols bliken dat de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland ôfstân naam om't de keunstsinnige foarming ûnfoldwaande har gerak krije soe.

Dat makke ek in mearderheids- en minderheidsstânpunt yn it Kolleezje fan Deputearre Steaten mooglik dat op 24 novimber 1992 nei bûten kaam.

De op 2 desimber 1992 hâlden gearkomste fan de steatekommisje like it mearderheidsstânpunt te stypjen, mar de politike werklikheid wie dêrnei wer oars doe't it definitive steate-útstel winliken noch mear yn de rjochting fan de keunstsinnige foarming opskoode, as it eardere minderheidsstânpunt al ferwachtsjen die.

It Frysk Keunstynstitút waard dêrmei nochris wer konfronteard mei plannen dy't sines net wienen, mar no ek noch in brek mei it wurk yn de projektorganisaasje en it op tafel lizzende 'Hoofdstructuur' betsjuten. Wie earder de hiele administrative en organisatoaryske stipe sa't dy troch it Frysk Keunstynstitút en dêrfoar de Fryske Kultuerried dien waard, de plannen útskreaun, no ferdwûn ek noch de help en stipe by aktiviteiten en eveneminten en de help en stipe oan programmamakers en -fregers.

Yn in brief oan de Steaten waard ien en oar nochris dúdlik makke, mar it mocht net mear helpe. De Steaten folgen yn grutte mearderheid it útstel fan deputearren op 16 desimber 1992, om dêrmei it Frysk Keunstynstitút foargoed nei it ferline te ferwizen. It beslút fan Provinsjale Steaten betsjut foar it wurk sa't dat yn dit jierferslach beskreaun wurdt, de ein foar de ûnder 3.6. werjûne stipe, foar in grut part de ein fan it ûnder 3.3. 'Aktiviteiten' beskreaune wurk, in koartsjen fan it wurk op it mêd fan de byldzjende keunsten en de dûns en ûndúdlikens oer de takomst fan it ûnder 3.2.3. 'Toaniel' beskreaune.

It feit dat al earder dúdlik wurden wie dat de organisatoarysk en administrative tsjinstferliening gjin plak yn de nije opset krije soe, makke dat de ûnderskate ôfnimmers fan

dy tsjinsten al ear't der in steatebeslút wie, dêrfan op'e hichte brocht waarden en tagedlyk de rie jûn om de (finansjele) administraasje per 1 jannewaris 1993 earne oars ûnder te bringen.

It is nafrant dat krekt twa jier earder deselde Steaten dy tsjinstferliening as de kearn fan it nije Frysk Keunstynstitút seagen.

Om't ek it wurk fan de Kostúmkommissje fan Fryslân yn in fakuum drige te kommen, waarden dêrfoar prikken yn it wurk steld om ta in ferselsstanning te kommen.

Op 31 desimber 1992 wie it fierder dúdlik dat fan de troch it Kolleezje fan Deputearre Steaten útstelde naadleaze oergong fan âld nei nij per 1 jannewaris 1993 gjin praat wêze soe. De nije organisaasje wie op dy datum sels noch lang net yn sicht.

It is dúdlik dat soks winliken net kin en ek net mei in berop op in besuniging fan ien miljoen gûne goedpraat wurde kin.

Nei it earste oanfangsjier dat ek fan it bestjoer de nedige enerzjy frege hat, like it der op dat it twadde jier mear romte biede soe om ta in "bestjoeren op ôfstân" te kommen. Troch de hjirfoar beskreaune perikels is it safier net earlik kommen.

It wie sels sa dat it bestjoer noch faker gear west hat, as al yn it earste jier it gefal wie.

Der wienen meielkoar trettjin bestjoersgearkomsten, fjouwer gearkomsten fan de Stichtingsried, twaris in saneamd bestjoerlik oerlis mei it Provinsjaal Bestjoer, trijeris in oerlis mei it bestjoer fan de Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland, njoggen gearkomsten fan de saneamde stjoergroep dy't yn de projektorganisaasje yn it libben roppen wie, en dan noch de nedige ynsidintele kontakten en oerlissen.

2.2. *It bestjoer*

It bestjoer kaam yn it ferslachjier trettjin kear byelkoar yn de folgjende gearstalling:

- Drs. H.R. Heite, foarsitter, Wolvegea;
- Mefrou P.H. Dijksterhuis-de Haan, skriuwer, Warkum;
- Mr. R.W. de Casseres, ponghâlder, Ljouwert;
- D.E. Heere, Ljouwert;
- Mefrou H. Ludwig, Peins;
- K. Wielinga, twadde foarsitter, Feanwâlden.

Mei yngong fan 1 septimber 1992 waard it bestjoer útwreide mei:

- L.O.M. Popma, Gytsjerk.

2.3. *Stichtingsried*

De Stichtingsried kaam yn it ferslachjier gear op 22 jannewaris 1992, 21 maaie 1992, 30 septimber 1992 en 1 desimber 1992.

Op 22 jannewaris brocht de Stichtingsried syn advys oan it bestjoer út oer beliedsplan en wurkprogram. Op 21 maaie stienen de jierstikken op de wurklist en de beide lêste gearkomsten stienen yn it teken fan de provinsjale reorganisaasje-útstellen.

De Ried wie yn it ferslachjier as folget gearstald:

- B.S. Adema, Dokkum, BNA-ôfd. Fryslân;
- J. Buchener, It Hearrenfean, Noardlike Skouboarchdireksjes;

- D. Dam, Sako en Samo;
- mefrou L. van den Ende, Ljouwert, Stichting Dûns;
- mefrou G. Frieswijk, Mildam, FTF;
- J. Haantjes, Ljouwert, Fria;
- mefrou C. Laanstra, Ljouwert, Stichting Dûns;
- J. Scheepsma, Ljouwert, Stichting Friesland Pop;
- Ir. M. Schutten, Ljouwert, Friese Bouwkring;
- G. Tonen, Ljouwert, Noardlike Skouboarchdireksjes;
- H.H. Töben, De Lemmer, Friese Jazzfederatie;
- G. Veldman, Koarnjum, FTF;
- A. Zandstra, Ljouwert, BBK.

2.4. *Kommisjes*

Kommisje Teater en muzyk

- J.J. Buchener, It Hearrenfean
- L. Fokkema, Grou
- Th. van der Goot, Drachten
- P. Graafsma, Leeuwarden
- G.A. ter Horst, Deinum
- A. van der Sluis, Surhústerfean
- K. Stoop, Snits
- G. Tonen, Ljouwert

Dokumintaasjekommisje byldzjende keunst

- H. Comis, St. Jabik
- A. Hartsuiker, Jobbegea
- J. Heman, Ljouwert
- C. Huese, It Hearrenfean
- A. van der Linden, Wolsum
- F. Ram, Hegebeintum
- R.B. Rinsma, Ljouwert

Kommisje Toaniel

- J. Calsbeek, Akkrum
- L. Dijkstra, It Hearrenfean
- G. Frieswijk, Mildam
- P. te Nuyl, Ljouwert
- B.S. Oldenhof, De Tynje
- G.F.J. Veldman, Koarnjum

Kostúmkommissje fan Fryslân

- A. Fokkema, Ternaart
- G. ter Haar, Warkum
- S.L. Jonkers, Harns
- M. Keizer, Feanwâlden
- H. Nauta-Abma, Snits
- L.M. Schurer-de Haan, Dokkum

- R. Walsma, Hurdegaryp
- S.I.E. Wille-Engelsma, It Hearrenfean

Kommisje Dûns

- L. v.d. Ende, Ljouwert
- S. Heida, Boalsert
- C. Laanstra, Ljouwert
- A. Posthumus, Ljouwert
- H. Schut, Ljouwert
- M. Teensma, Marsum
- T. v.d. Velde, Snakkerbuorren

Redaksje Toanielkrante

- W.P. Berga, Twellegea
- H. Brans, Huns
- W. Daane, Marsum
- M. Gerlsma, Dronryp
- J. de Haan, Frjentsjer
- J. Hager, Wyns
- R.V. Landman, Snits

2.5. *Meiwurk(st)ers*

Op 31 desimber 1992 hie it Frysk Keunstynstitút de folgjende meiwurk(st)ers yn tsjinst:

- F. Andringa, dûnskonsulinte (0,80)
- H.L. Brans, dramaturch (0,60)
- H. Bonnema, boekhâlder
- J.W. Castelein, adjunkt-direkteur
- J.T. Cats, admin. meiw. (0,50)
- M. Cats, eduk. meiw. byldzjende keunst
- W. Daane, toanieladviseur **
- A. Ferwerda, admin. meiw. (0,50)
- M. Gerlsma, organisat. meiw.
- J. de Groot, húshâldlik meiw. (0,375)
- P. Hemminga, direkteur
- A. Hoekstra, dokumintaliste
- S. de Jong, haad buro sintrale stipe
- A.H. Kooyman, techn. art. meiw. (0,4211)
- J.H. Lamminga, konsulint muzyk (0,20)
- S. van der Molen, admin. meiw.
- H.J. Mous, konsulint byldzjende keunst
- H.C.M. Mulder, toanieladviseur **
- S. Nauta, konsulint popmuzyk *
- G.H. Starckenburg, admin. meiw.
- G. Venema, konsjerzje *

* ynliend fan de Stichting Werkwijzer te Ljouwert

** detastjeard by it FCAA

Doe't de hear **S. de Jong** ein april mei fakânsje by syn dochter yn Israel wie, kaam it berjocht dat de Keninginne him mei de gouden eremedalje ferbûn oan de Oarder fan Oranje Nassau ûnderskieden hie, as erkenning foar it protte en wichtige wurk op it mêd fan de kultuer yn Fryslân dien.

De foarsitter rikte de ûnderskieding oan de hear De Jong út op in feestlike gearsit mei famylje en kollega's op 1 juny 1992.

Yn deselde gearsit waard omtinken jûn oan it feit dat mefrou **J. de Groot-van Breeden** fiifentweintich jier yn tsjinst wie fan it Frysk Keunstynstitút en syn foargonger de Fryske Kultuerried.

De konsulint muzyk fan it Frysk Keunstynstitút, de hear **J.H. Lamminga**, waard mei yngong fan 1 septimber 1992 beneamd ta adjunkt-direkteur fan De Muzerie te Swol.

Op dyselde datum waard syn tsjinstferbân fan fjouwer dagen wyks werom brocht nei ien dei wyks. Op 31 desimber 1992 wurke de hear Lamminga foar it lêst as muzykkonsulint. Op 18 desimber namen bestjoer, kollegae en relaasjes ôfskie fan de hear Lamminga, dy't dêrmei syn 12,5 jierrich tsjinstferbân krekt net folmakke.

Sa't al earder oanjûn is, ferlieten per 1 april de dames **W. Dölle, G.F. Gepken en R. van den Ham** de organisaasje, yn ferbân mei harren oergong nei it Emancipatiebureau Friesland. Op 3 april waard der omtinken oan dat feit jûn foar de relaasjes, op 1 juny waard der yn de rûnte fan bestjoer en meiwurkers omtinken oan dy feroaring jûn.

Lykas hjirfoar ek al oanjûn waard, sette de hear **G. Venema** op 1 augustus 1992 mei syn wurk as konsjerzje útein.

Op 1 oktober 1992 begûn de hear **S. Nauta** as konsulint popmuzyk mei syn wurk.

It **syktefersom** ûnder de meiwurk(st)ers lei aardich heger as yn it foarige ferslachjier. Dy taname is yn haadsaak ta te skriuwen oan it sûnt 1 juny 1992 net arbeidzje kinnen fan de dûnskonsulinte as gefolch fan in auto-ûngefal.

Foar de oare meiwurk(st)ers lei it trochsnee-fersom op 2,8%. Dat sifer mei yn it ljocht fan de omstannichheden as leech sjoen wurde.

Mefrou Elbrich Wind-Wartena fan Damwâld brocht in koarte **staazje** yn de rin fan de Wike fan de Keunst op it ynstitút troch.

Esther Hoogsteen fan Marrum hat holpen in grut part fan it **adressebestân** û.m. dat fan de Toanielkrante, yn de kompjûter te bringen.

Trije meiwurk(st)ers folden yn it ferslachjier de **personielsfertsjinwurdiging** yn, te witten Jacob Lamminga, dy't nei de simmer opfolge waard troch Huub Mous, en Anneke Ferwerda.

Sjoen alle feroarings wie der in tal kearen oerlis mei it fakbûn.

Op freed 19 juny 1992 hat der in personielsekskurzje rjochting Bremen pleatsfûn.



wike fan de keunst



3. *De aktiviteiten*

3.1. *Byldzjende keunsten*

Lykas ûnder it haadstik oer de organisaasje ek al opmurken, begûn it jier mei ûnwis-sens oer de takomst fan de funksjes op it mêd fan de byldzjende keunsten. Wie der earder praat fan in ûnderbringen by it Fries Museum, it nije konsept fan de **provinsjale nota oer de byldzjende keunst** hie it noch oer in oerbringen fan de edukative en artis-tyk-technyske funksjes.

Ut it Ynstitút wei, waard de klam lein op it gearhingjen fan it iene mei it oare en in be-hâld fan de hiele byldzjende keunst funksje bepleite.

Dat dêrnei noch in kear alles op de kop set wurde soe, wie doe noch net te besjen.

Yn it ferslachjier waarden de folgjende **útstallings** makke:

· **"Met de camera gemaakt"**: edukative útstalling oer fotografy, mei in taljochting foar it ûnderwiis. De roelaasje set yn jannewaris 1993 útein.

· **"Fjouwer yn ien/Vier in één"**: in útstalling mei it wurk fan fjouwer keunstners út Fryslân, te witten Ra van der Hoek, Catrinus Spinder, Jelle Talman en Gerrit Terpstra. De útstalling is ornearre foar roelaasje bûten Fryslân en wie foar it earst te sjen by de Stichting Ateliers yn Driebergen. Yn de rin fan de Wike fan de Keunst wie "Fjouwer yn ien" yn Galery Romein yn Ljouwert te sjen. Njonken de produksje, ferfier en ynrjochting is foar in katalogus soarge.

· Foar **"Tuin '92"** yn de Ljouwerter Friesland Hal waard in útstalling fan wurk fan Hein Mader makke.

· **"Beelden in de Tuin"**, mei wurk fan Karianne Krabbendam, Hein Mader, Frans Ram en Ada Stel, waard makke foar in útstalling yn de tún fan it Harnzer Hanne-mahûs.

· Nei ôfrin fan de útstallingsperioade yn Harns, wie deselde útstalling te sjen yn de tún fan it Martenahûs te Frjentsjer yn de rin fan de dêr hâlden "Agraryske Dagen".

· Foar de manifestaasje **"Vrouw '93"**, ek yn de Ljouwerter Friesland Hal, waard in útstalling fan wurk fan Karianne Krabbendam fersoarge.

· Yn opdracht fan galery Romein waard in útstalling mei as titel **"Signaal '92"** mak-ke. Dêr wie it wurk fan sân jonge keunstners te sjen, te witten Sigrid Hamelink, Fons Hoiting, Marga Honting, Henk Kamsma, Henk de Lange, Reina Makkinga en Anton Rolink.

· Foar de útstalling waard teffens in tearblêd produseard.

· Ein maaie, begjin juny waard wer de útstalling fan de **provinsjale oankeapen** hâlden. Ek foar dy útstalling dy't hâlden waard yn de Ljouwerter Kânslerij en iepene troch de foarsitter fan it Frysk Keunstynstitút, waard in tearblêd produ-seard.

· Yn oparbeidzjen mei de Stichting Samenwerking van Dorpshuizen in Friesland (SDF) waard de útstalling **"Keunst yn eigen doarp"** makke, ornearre foar de roe-laasje yn Fryske doarpshuizen. It projekt bestiet feitlik út twa eksposysjes, ien mei

wurk fan Reinder Homan en Pier Pander en ien mei wurk fan Jan Hofman en Josje Werdmuller.

It Frysk Keunstynstitút soarge net allinne foar de produksje fan de útstalling, it tearblêd en de affysjes, mar ek foar de roelaasje en ynrjochting.

De útstallings wienen of binne noch te sjen yn Ternaard (dêr't it projekt op 14 septimber útein set is), Walterswâld, Tytsjerk, De Rottefalle, De Pein, Houtigehage, Oerterp, Wurdum, Wergea, Terherne, Wâldsein, Heech, Easterlittens, Easterbierrum, Koarnjum en Ternaard.

De eigen edukative útstalling "**Bouwen met verbeelding**" wie yn it ferslachjier te sjen en waard begelaat yn Frjentsjer (700 learlingen); Drylts (250 learlingen); Snits (800 learlingen); Ljouwert (500 learlingen) en Dokkum (600 learlingen).

Foar it "**Bagage-projekt**" yn de Drachtster Lawei waard in ûnderwiispakket makke, besteande út lessuggestjes foar sawol it basis- as it fuortset ûnderwiis. Ien en oar resultearde yn in útstalling fan troch learlingen makke wurkstikken. Yn it ramt fan it selde projekt waard in lêzing yn de pleatslike iepenbiere bibleteek hâlden, in tekst foar de katalogus skreaun en de útstalling sels iepene.

Foar de útstalling "**Concrete Dutch**" yn Sönderjyllands Kunstmuseum yn it Deenske Tönder mei wurk fan Cor van Dijk, Henk van Gerner, Anke Kuijpers, Jean le Noble en Wim Roose, waard in katalogustekst skreaun: "The Dutch connection in constructivism".

Foar de **architektuer-estafette** fan it Bûn fan Nederlânske Architekten waard de Fryske presintaasje yn teater Romein fersoarge.

Teksten foar útstillingskatalogi en/of tearblêden waarden skreaun oer it wurk fan Eja Siepman van den Berg en Rob Nypels (t.b.f. Galery Romein); Henriëtte van't Hoog (Kunsthuis Noard 200); Hollie Witteveen (Galerie Eewal) en Anne Feddema (Coopmanshûs).

Op fersyk fan de gemeente **Nijefurd** waard dielnommen oan it wurk fan in lytse kommisje fan deskundigen dy't har oer de takomst fan Kunsthuis Noard 200 bûgde. Nei fiif gearkomsten koe in advys útbrocht wurde.

De Beeldende Kunstenaars Nijefurd kloppen mear as ienris op'e doar om advys oer it te folgjen paad om stipe te krijen.

Foar de inisjatyfgroep "**Behoud culturele voorzieningen**" waard in notysje oer it behâld fan de eardere Vredeman de Vries-voorzieningen en it oprjochtsjen fan in keunstwurkpleats skreaun.

In nij inisjatyf wie de opset en útjefte fan "**Praktikabel**"-podium per post. De earste útjefte koe yn de rin fan de Nacht van de Architectuur op 1 july 1992 yn teater Romein presintearde wurde. De twadde útjefte ferskynde yn desimber.

De **Nacht van de Architectuur**, dit kear iepene troch de foarsitter fan it Frysk Keunstynstitút, frege ek fierder wer de nedige ynspannings.

Yn it tydskrift "**Punt Uit**" waard tolve kear in bydrage skreaun oer it wurk fan in Frysk keunstner.

Dêrnjonken waard in stik skreaun dat yn it museumjournaal ferskynde.

Twaris waard foar de byldzjende keunstners yn Fryslân in **keunstreis** organiseard. Fan 10 oant en mei 12 april gie der in reis nei Parys ta, en op 28 oant en mei 30 augustus waard de Documenta yn Kassel besocht.

Foar in reis nei de nije Kunsthal yn Rotterdam bestie te min belangstelling om trochgean te kinnen.

Lykas ferline jier waarden de **inisjatyfgroep atelierfoarsjennings** en it **Monument van de Maand** wer stipe.

Nij wie de stipe oan de noardlik arbeidzjende **Stichting Keramische Kunst en Vormgeving**. Dêrby giet it sawol om ynhâldlike, organisatoaryske as administrative stipe. In hichtepunt wie de organisaasje fan in slagge symposium 'Keramik en industrie' dat op 30 en 31 oktober 1992 yn it Princessehof hâlden waard. Der waard ûnder mear sprutsen troch Patrick Boel, Andy Christian, Willem Terlouw en Piter Tichelaar.

De organisaasje fan it byldzjende keunst-oandiel yn de **Wike fan de Keunst** komt ûnder 3.3. noch oan de oarder.

In foarnaam part fan it wurk bestie fierders út advys oan en stipe fan **yndividuele byldzjende keunstners** dy't komme mei fragen oer subsydzjekwestjes, útstallingsmooglikheden en dokumintêre saken.

Fierders waard foar it earst eltse **opdrachtjouwer** fan nijbou bûten de partikuliere sektor, oanskreaun om te wizen op de needsaak ta it ynskeakeljen fan in byldzjend keunstner en de mooglikheden fan it Frysk Keunstynstitút ta advys en begelieding yn dat ferbân. De respons op dy aksje foel ôf. Winliken moat der mear barre as it skriuwen fan in brief, mar dêrta ûntbrutsen de mooglikheden.

Konkrete projekten dy't yn dit ferbân om begelieding fregen, wienen it Bogermancollege te Snits; it Sint Anthoniussikenhûs te Snits; de Christelijke Hogeschool Noord Nederland te Ljouwert; de Stichting Heerenveen in Beeld op It Hearrenfean; de Stichting Kunstprojecten Sneek te Snits; it Wetterskip Fryslân te Ljouwert; in basisskoalle yn Hallum en de provinsjale %-kommisje.

Der waard wer geregeldwei in berop op it Frysk Keunstynstitút dien om in **útstalling te iepenjen**. De konsulint byldzjende keunsten iepene útstallings fan resp. Jaap Knip yn it Fries Natuurmuseum, Peter van Houten yn Galerie Markant yn Langelo, de al earder neamde 'Fjouwer yn ien' yn Driebergen, Willem Jaarsveld yn it Frysk Lânboumuseum, 'Keunst yn eigen doarp' yn Ternaard, de bylde-útstalling yn de tún fan it Hannema-hûs, Reinder Homan yn de Kunstruimte, It Hearrenfean, Rein Halbertsma yn it gemeentehûs te Burgum, it greideprojekt yn Britswert, André van der Linden yn Amstelveen, Maaïke Klein yn Lelystêd en it Bagage-projekt yn Drachten.

De konsulint byldzjende keunst hat fierders njonken kear in **lêzing** hâlden, te witten oer:

- 'Tames Oud en Ameland' yn galery 'De Hoge Stoep' op it Amelân;
- 'Regionale kunst in Europees perspectief' foar it Nut yn Grins t.g.f. it 200-jierrich bestean;
- 'Hedendaagse kunst en humanisme' foar it Humanistisch Verbond te Grins;
- 'Hedendaagse beeldende kunst' foar it Frjentsjerter Nut yn it ramt fan de dêr hâlden Agraryske Dagen;
- 'Hedendaagse beeldende kunst' foar de studinten fan de AVEK te Ljouwert;

- 'De Dada-beweging' yn de lêzingerige fan de SBK te Ljouwert;
- 'De Stijl' foar de SBK te Ljouwert;
- 'Dada en de Stijl' yn de Iepenbiere Bibleteek fan Drachten en
- 'Marcel Duchamp' yn de Blauwe Stoep yn Ljouwert.

As lêste punt moat op dit plak fermeld wurde dat de útstallingssketten 27 kear **ferhierd** binne (fyftjin kear faker as ferline jier), de wiksellisten waarden fjirtjin kear ferhierd (tolve kear) en foar sechstich yn de Provinsje organisearre útstallings waard de **fersekering** regele (yn 1991: 61).

3.2. *Poadiumkeunsten*

3.2.1. *Dûns*

It as gefolch fan in auto-ûngemak útfallen fan de dûnskonsulinte healwei it jier, is mei keunst- en fleanwurk troch de oare meiwurk(st)ers sa goed mooglik opfongen. In gelok by in ûngelok wie it feit dat de planning fan it wurk klear lei.

Under de dûnsdosinten yn Fryslân waard in **enkête** hâlden om ynsjoch yn en oersjoch te krijen fan it oanbod fan kursusaktiviteiten, de folge opliedings, it ferlet fan byskoal-ling, de mooglikheden om meielkoar wat te dwaan en de winsken nei de takomst ta. Fan de tritich ferstjoerde fragelisten kamen der fjouwerentweintich ynfold werom. De dêrmei krigen ynformaasje kin brûkt wurde foar it fierdere oanbod op dit mêd.

Foar de **dûnsdosinten/-pedagogen** waard in fiiftal ûnderskate aktiviteiten organiseard. De rige sette útein mei in dûnstrijedaagse op 2, 3 en 4 jannewaris. Fjirtjin dielnimsters hâlden harren ûnder lieding fan Elly Broeren, Rietje Bijholt, Monica Ouwens en Job Sanders, dwaande mei bernedûns, jazz, moderne en klassike dûns.

Op 7 maart waard yn de Snitser muzykskoalle en yn oparbeidzjen mei de Dansacademie Rotterdam in foarljochttingsmoarn oer it dûnsfakûnderwiis organiseard. Dêr kamen sân dosinten mei harren learlingen op ôf.

De jierlikse trening foar dûnspedagogen yn sechstjin lessen sette op 19 augustus mei acht dielnimsters útein.

Op 19 en 20 septimber wie der in wykein foar dûnspedagogen mei Jody Bard.

Op 20 en 21 desimber wie der in dûnstwadaagse dêr't omtinken yn jûn waard oan komposysje en choreografy. Dosinte wie Hanneke van de Wal mei njoggen dielnimsters.

Foar it **folksdûnskader** wienen der trije kursussen, te witten in kaderwykein op 18 en 19 jannewaris mei as dosinten Silviu Ciuciusnis, Hannah Becker en Willem Wolfert en omtinken foar Roemeenske en Braziliaanske folksdûns. It wykein luts 18 dielnimmers.

Op fjouwer sneonen yn maart en april, dienen 22 dielnimmers mei oan de kaderkursus ynternasjonale folksdûnsen ûnder lieding fan Marion Nieuwenhuizen. Dy kursus waard organiseard yn de mande mei it lanlik sintrum foar de amateurdûns.

Ek yn oparbeidzjen mei it lanlik sintrum waard op 9 en 10 oktober in kaderwykein foar

de keunst



wike fan



folksdûnslieding hâlden. Dosinten wienen Harriët Haase (hâlding en beweging) en Tom Bozigian (Armeensk, praktyk en didaktyk).

Foar it kader fan **Meer Bewegen voor Ouderen** waard op 24 jannewaris en op 20 maart, beide kearen mei Nelie van der Werf en resp. sechstjin en njoggentjin dielnimmers in byskoalling organiseard.

Op 25 septimber en 23 oktober waard dat program mei deselde dosinte fuortset, no mei 24 dielnimmers.

Op 19 septimber en 3 oktober wie Ria Boerman de dosinte, mei resp. fiifentweintich en trijentweintich dielnimmers.

Twaris wie der in byskoalling foar it **bemedûnskader** en wol op 25 jannewaris mei Kiki Koen en tsien dielnimmers, en op 3 oktober mei Lies Gosse en achtentweintich dielnimmers.

Ek foar it **40+ dûnskader** wie der twaris in kursus. Op 25 jannewaris en 1 febrewaris in kursus israëlysk mei Marian Holleman en santjin dielnimmers, en op 6 en 7 novimber mei Angela Reutlinger in kursus ferskaat dy't tritich dielnimmers luts.

Ekstra omtinken wie der yn it ferslachjier foar de **dûnsmuzikanten**.

Op 28 maart waard der, mei as tarieding op de Kans voor Dans-dei op 25 april, en yn oparbeidzjen mei it Frysk Folksdûnssintrum en de Federatie van Folkloristische Groepen in Nederland, in kursusdei hâlden. Under lieding fan Erik van Binsbergen en Annemarie van der Reijden dienen dêr njoggentweintich muzikanten oan mei.

Dêrnei folge der noch in kursuswykein op 30 en 31 oktober en twa lesdagen op 14 en 28 novimber. As dosinten wurken Elsche Korf, Annemarie van der Reijden en Frans Tromp mei. It tal dielnimmers bedroech resp. twaëntritich, njoggentjin en seisentweintich.

Op achttjin middeis waard der in dûnsmiddei foar de **âlderein** organiseard dy't spraat oer de hiele provinsje, mar leafst achttjinhûndert dielnimmers lutsen.

In tee-dansant foar Ljouwerter âldereingroepen op 22 novimber, mei Hanneke Schut as dosinte, luts fiifentachtich dielnimmers.

Foar de bern wie der wer in bot slagge **bernedûnsmiddei** yn de krookjesfakânsje. Sjoen de beskikbere romte koenen der mar hûndert bern talitten wurde dy't harren ûnder lieding fan Laura van den Ende, Hanneke Schut en Grietine Molenbuur dwaande hâlden mei resp. dûnsekspresje, folksdûns en Afrikaanse en jazzdûns.

Foar de fjirde kear waard der wer in **dûnsfakânsjekamp** organiseard. Fan 13 oant en mei 18 july kamen der fjirtich bern yn de âldens fan 9 oant en mei 12 jier nei Flylân ta, om ûnder lieding fan Laura van den Ende, Hanneke Schut en Tineke van Woudenberg in wike lang te dûnsjen.

It **bemebal** op 31 oktober ûnder lieding fan Els Doekes en Hanneke Schut luts mar fyftjin dielnimmers.

Foar **eltsenien** iepensteande barrens waarden organiseard op 6 en 7 jannewaris: in kursus joegeslavyske folksdûns mei as dosint Valdo Stanoevski. De kursus waard troch fyftich belangstellenden folge.

Op 15 febrewaris luts in dûnsdei Portugese dûnsen mei Emmie van Parera tweintich dielnimmers.

Op 7 maart kamen der tritich leafhawwers ôf op de dûnsdei Israëlysk ûnder lieding fan Angela Reutlinger.

De dûnsdei Bulgaars mei Peter Bloks luts op 11 april tweintich dielnimmers. In twadde dûnsdei Israëlysk mei deselde dosinte waard op 12 septimber troch twa-entritich dielnimmers bywenne. Fiifentritich kursisten joegen harren op foar de dûnsdei Joegoslavysk op 14 novimber ûnder lieding fan Ben Koopmanschap. Fierder wie der op 20 maart noch in folksdûnsynstuf mei begelieding fan it folksdûns-orkest Kopačka.

De aktiviteiten op it gebiet fan de dûns yn de **Wike fan de Keunst** komme ûnder dat haad fierderop noch oan de oarder.

It lêste wykein fan april wie fierder wer reserveard foar de **"Kans voor Dans"**-manifestaasje dy't dit kear wer yn de Drachtster Lawei organiseard waard. Yn fiif ferskillende sealen waarden foar in grut en ynteresseard publyk lessen en workshops jûn, û.m. folksdûns, Afrikaanse dûns, moderne dûns, jazz, show, muzical en búkdûns. Foar de bern waard in program organiseard mei folksdûns, dûnsekspresje, hiphop en noch mear. Foar it jûnsprogram waard yn de mande mei De Lawei it Koninklijk Ballet van Vlaanderen ynhierd dat 'Cinderella' oer it fuotljocht brocht. De foarstelling waard foarôf gien troch in lêzing oer de foarstelling.

3.2.2. *Muzyk*

Lykas op it mêd fan de dûns, krige ek it omtinken foar de sektor muzyk it bot dreech, mei't de muzykkonsulint per 1 septimber 1992 in funksje bûten de Provinsje oannaam. Oant 1 jannewaris 1993 bleau de muzykkonsulint foar benammen de rinnende saken noch ien dei wyks yn tsjinst fan it Frysk Keunstynstitút. Sjoen de politike beslútfoarming oangeande de takomst fan it Frysk Keunstynstitút koe net ta in ferfoljen fan de ûntstiene fakatuere oergien wurde.

Dêr foaroer stie de komst fan in konsulint foar de **popmuzyk** per 1 oktober 1992. Dy syn kommen betsjut dat der foar it earst yn de Fryske muzykskiednis struktureel omtinken oan dat foarname ûnderdiel fan de muzykbeoefening jûn wurde kin. Oer it wurk op dat mêd sil ferslach dien wurde yn it jierferslach fan de Stichting Fryslân Pop.

Yn it jierferslach oer ferline jier waard in twatal nije inisjativen neamd, ntl. de plannen ta it opsetten fan in koarskoalle en de tarieding fan in yn Fryslân te hâlden ynternasjonale hoarnkonkoers.

Foar de **koarskoalle** waard yn oparbeidzjen mei de muzykskoalle Schoterwerven in learplan makke, mar yn de rin fan de tiid die bliken dat it draachflak ûnder de koaren te lyts wie om ien en oar fuortsette te kinnen.

It wurk foar it yn 1995 te hâlden **ynternasjonale hoarnkonkoers** waard fuortset. Sân pommeranten waard frege in sit yn it komitee fan oanbefelling te nimmen. Yn de man-

de mei it Ljouwerter buro 'Noordplan' waard in sponsoraksje taret.

Op woansdei 9 septimber 1992 waard in presintaasje foar potinsjele sponsors organisearde, wylst ek it muzikale part fan de 'Wike fan de Keunst' yn it teken fan de hoarnmuzyk stie.

It úteinlik al of net trochgean stiet en falt mei it rûnkrijen fan de finansiering. Dêrby giet it om in bedrach fan seishûnderttûzen gûne.

Nij wie de stipe dy't frege waard om de Fryske dielname oan "**Korenslag**", in grut lanlik barren fan alle koaren yn Nederlân, ta te rieden. Der waard yn Ljouwert twaris repeatard troch in lytse trijehûndert koarleden. De reis nei Amsterdam gie lykwols net troch, om't de inisjatyfnimmer yn organisatoaryske en finansjele swierrichheden fersyld rekke.

De saaklike stipe dy't earder oan it Fries Concertkoor jûn waard, krige yn it ferslachjier fuortsetting yn de organisatoarysk stipe foar it **Noord Nederlands Concertkoor**.

Ek waard der stipe jûn oan de Stichting **Opera** te Spangea dy't ûnder mear skewield waard mei it oplossen fan lokaasje problemen en it riejaan oer de finansiering fan it wurk.

Foar it **Comité Agrarische Dagen** yn Frjentsjer waard in muzykjûn taret. Under grutte publike belangstelling treden yn de Martinitsjerke op 17 septimber 1992 û.m. de Fryske tenoar Albert Bonnema, de Snitser Cantorij en it muzykensemble 'De Stiel' op.

Op it mêd fan **komposysje-opdrachten** waard de rie fan it Frysk Keunstynstitút ynropen troch de Ljouwerter skouboarch De Harmonie en de Kristlike Muzykferiening 'Oranje' fan Boalsert.

De measte tiid gie sitten yn it wurk foar en it oparbeidzjen mei it Samenwerkingsverband Muziekorganisaties (SAMO) en it Samenwerkingsverband Korenorganisaties (SAKO). Dêrby gie it om bestjoersstipe, tarieding en útfiering fan de aktiviteiten en it wurk foar it jeugdharmony-orkest en de jeugdbrassband.

Foar de harmony- en fanfare-orkesten en brassbands waarden de folgjende kursussen organisearde:

- Oplieding tamboer A: te Damwâld mei alve dielnimmers, te Frjentsjer mei acht dielnimmers en yn Drachten mei tsien dielnimmers.
- Oplieding tamboer B: te Frjentsjer mei twa dielnimmers en yn Drachten mei twa dielnimmers.
- Oplieding tamboer C: te Damwâld mei fjouwer dielnimmers en yn Frjentsjer mei fiif dielnimmers.
- Oplieding meloadysk slachwurk A: yn Drachten mei fjouwer dielnimmers en yn Frjentsjer mei acht dielnimmers.
- Oplieding meloadysk slachwurk B: yn Frjentsjer mei seis dielnimmers.

In yn de mande mei de twa oare noardlike provinsjes yn Grins organisearde kaderdei drumbands luts seisentritich dielnimmers.

De op 21 maart hâlden ynstruksjedei foar slachwurkers luts seisentweintich dielnimmers en de op deselde dei hâlden ynstruksjedei foar trombonisten luts sechstjin dielnimmers.

De op 9 maaie hâlden ynstruksjedei trompet luts seisentweintich dielnimmers en achttjin belangstellenden dienen mei oan de op 10 en 11 april hâlden dagen foar leden fan

brassbands.

Seis kear is der in play-in foar majorettes hâlden dy't resp. tolve, trijentweintich, tweintich, tsien, sechstjin en acht dielnimsters lutsen.
In play-in foar korpsmuzikanten op 25 jannewaris yn Tsjommearum hie seisensantich dielnimmers, en it selde barren op 3 oktober yn Eanjum hie achtensechstich dielnimmers.

Yn de hjerst- en krystfakânsje waarden lykas wenst, wer de stúdzjedagen foar jonge korpsmuzikanten hâlden.

Yn oktober wienen der twa groepen yn Grou mei resp. ienensantich en seisensantich dielnimmers mei heechstens it A-diploma.

De stúdzjedagen yn de krystfakânsje wienen ornearre foar jongelju mei in B-, C- of D-diploma en duorren yn stee fan twa trije dagen. Hjir dienen fjouwerensantich en fjouwerensechstich jongelju oan mei.

Alle fjouwer stúdzjebyienkomsten waarden besluten mei in lyts konsert.

Foar de koaren yn Fryslân waard twaris in kursus stimfoarming, in bewegingskursus, in grimekursus en in kursus gregoriaans organiseard.
Fierder wie der in stúdzjedei foar diriginten oer it tema stylferskillen.

Yn de earste helte fan it jier waarden alle muzykselskippen en koaren oanskreaun om ta in **provinsjale dingintebank** te kommen. De protte gegevens waarden dêrnei yn it automatysearre gegevensbestân fan it Frysk Keunstynstitút ynbrocht, mei it doel de gegevens te brûken foar sawol it kursusoanbod as foar ferfanging, fakatuereferfolging, ensafh.

De **jeugdbrassband** hat konserten fersoarge op 11 april yn de rin fan it jeugdbrassbandfestival, op 12 septimber yn Ljouwert, op 31 oktober op De Lemmer en op 7 novimber yn Berltsum.

It **Jeugdharmy-orkest** hat sân kear in konsert fersoarge, te witten: op 15 febrewaris yn Koudum, op 4 april yn Frjentsjer, op 16 maaie en 26 septimber yn Surhústerfean, op 11 oktober yn Kollum, op 11 novimber yn Drachten en op 20 novimber yn Grins.

As lêste punt moat op dit plak noch de stipe neamd wurde, jûn oan de Stichting Uni-concert en de Fries Jazzfederatie.

3.2.3. Toaniel

Fan it wurk fan de beide toanieladviseurs wurdt ferslach dien yn it jierferslach fan it Fries Centrum voor het Amateurtoneel/Amateurtoaniel, dêr't de twa funksjonarissen detasjeard binne.

It wurk fan de part-time **dramaturch** heart dêr foaroer ta de folsleine ferantwurdlikens fan it Frysk Keunstynstitút.

Dat wurk wie yn it ferslachjier ûnder mear rjochte op de begelieding fan de folgjende toanielskriuwers: Willem Abma, Wim Beckers, Tsjitske de Boer, Jan Calsbeek, Tsjits Jonkman, Anne van der Mark, Simy Sevenster, Jopie van Wijngaarden, Baukje Miedema, Baukje Zijlstra en in skriuwersploech fan it Wergeaster iepenloftspul.

De dielnimmers fan de amateur **rezjy-kursus** krigen alle seis dramaturgyske rie en stipe by de tarieding fan harren ôfstudearre rezjy's. Foar ien kursist is de dramaturch staažje-begelieder. Fierders nimt de dramaturch diel oan it wurk fan ûnderskate ôfstudearkommisjes dy't it sertifikaat foar amateurtoanielregisseur takenne moatte.

Oan it earste en it twadde jier fan de **Jeugdteaterskoalle** waarden dramaturgylessen fersoarge.

Foar fiif dielnimmers waard in workshop '**skriuwen foar bernetoaniel**' hâlden. Yn oparbeidzjen mei it toanielselskip Tryater waard in spesjale spylwike hâlden dêr't de earste resultaten fan de workshop yn útprobearre waarden.

Tsien dielnimmers dienen mei oan de kursus **toanielskriuwen** dy't al yn 1991 útein set is.

In koarte kursus fan trije jûnen waard fersoarge foar toanielspilars yn Hauterwyk. Doel fan de kursus wie it leare lêzen en analisearjen fan **dramateksten**.

Oan ûnderskate toanielploegen waard riejûn oer de **kar fan in toanielstik**. De jongerein-ploech fan it Bûtenposter Kritetoaniel en de Stichting Artist(s) dienen yn dat ferbân in berop op it Frysk Keunstynstitút.

Achttjin kursisten dienen mei oan de foar it Bûn fan Fryske Toanielselskippen fersoarge kursus **foarstellings- en tekstanalyse**. Dizze yn septimber en oktober hâlden kursus wie opset foar de karmasters fan it Bûn.

Ek foar it Bûn fan Toanielselskippen waard dielnommen oan de **seleksje** fan in foarstelling foar de slútjûn fan it Bûn. Fiif foarstellings waarden yn dit ferbân besjoen en sawol foar- as achterôf besprutsen.

Foar it presintaasjetoaniel fan it BFT waard de **dramaturgy** dien foar 'De Brulloft' fan Bertold Brecht.

Foar Tryater waard de **produksje-dramaturgy** dien foar 'Zes personages op zoek naar een auteur' fan Luigi Pirandello.

Foar it troch itselde Tryater yn 1993 út te bringen 'Kersehôf' fan Anton Tsjechow waard de nedige stipe jûn by de oersetting en de produksjedramaturgy.

By in tal teaterfoarstellings fan De Harmonie en De Lawei waard in **ynlieding** fersoarge. Dêrby gie it om 'Thyestes' fan Claus, 'Peer Gynt' en 'De frou fan de see' fan Ibsen, 'It jierdeisfeest' fan Pinter en 'Iphigenie yn Taurus' fan Goethe.

Yn de rin fan it monologe-festival waard in lêzing hâlden oer de monolooch by Shakespeare, en yn de Wike fan de Keunst waard in lêzing hâlden oer 'De thúskomst' fan Pinter.

Foar it yn 1993 te hâlden **ienakterfestival** waard in seistal stikken útsocht en waarden regisseurs benadere. Foar twa stikken waard in oersetter oansocht. Der wurdt fierders dielnommen oan de organisatoaryske tarieding fan it festival.

Foar de troch it Frysk Keunstynstitút útjûne '**Fryske Toanielkrante**' dy't trijeris yn it ferslachjier ferskynde, waarden artikels skreaun oer resp. 'Wat is dramaturgy?', 'Skriuwersgewrot', 'Kommeedzje' en 'De takomst fan de Fryske toanielskriuwerij'.

It lidmaatskip fan de redaksje heart ek ta it wurk.

Fierders wie de dramaturch lid fan de **artistike ried** fan it selskip Tryater, de artistike kommisje fan it Frysk Festival en advisearjend lid fan it bestjoer fan de Stichting Stimulearring Fryske Toanielskriuwerij en de iepenloftspulkommisje fan it FCAA.

It Frysk Keunstynstitút wie fierders behelpsum by de organisaasje fan it **útprobeartoaniel** fan de Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel.

3.3. *Aktiviteiten*

Under it haad aktiviteiten kinne ûnder mear de help en stipe by de organisaasje fan fjouwer bot fan elkoar ferskillende saken neamd wurde, ntl. it ferhúsfest fan de Twadde Keamer op 28 april 1992, de eigen Wike fan de Keunst fan 5 oant en mei 12 septimber 1992, de fiering fan 200 Jier Nut van het Algemeen yn Ljouwert op 17 septimber 1992 en de tarieding fan Pieter Verhoeffs nije film ein maaie fan 1992.

Op fersyk fan de Provinsje Fryslân waard riejin oer de Fryske ynbring yn it programma ta gelegenheid fan de iepening fan it nije gebou fan de **Twadde Keamer**.

Fryslân kaam tige goed foar it ljocht mei net allinne it Steatejacht yn de Hoffiver, mar ek mei de Oentsjerker brassband 'De Bazuin', Rients Gratama en Maaïke Schuurmans, it Shantykoar 'Windkracht 10' en 'Aald Hielpen'.

De stipe beheinde har net ta de kar, mar bestie foaral út de organisatoaryske tarieding en it ôfhanneljen dêrfan.

De **Wike fan de Keunst** waard dit jier hâlden fan 5 oant en mei 12 septimber. Op 5 septimber wie it Iepen Teaterdei yn de kulturele sintra te Balk, Kollum, Snits, De Gordyk, It Hearrenfean, Warkum en Koudum. It Frysk Keunstynstitút hie wer de koördinaasje fan it programma mei û.m. Rients Gratama en Maaïke Schuurmans, Tryater, Tres Tacos, Spleen, Twirre, Bennie Huisman, Max en Suuz, Bleu Bloed, A3enSa en Tsjirmerij.

Krekt as ferline jier presintearde de Ljouwerter kulturele ynstellings harren oan it begjin fan it seizoen mei de manifestaasje **Keunst op Komst**. Yn de binnestêd wie in rûte útsetten by in grut tal organisaasjes del. Yn en om de gebouwen fan it Frysk Keunstynstitút hinne, Grutte Tsjerkestrjitte 41, 43 en 47, waard in program fersoarge troch de Sterne Slotlanders, kursisten fan de Jeugdteaterskoalle, Grietine Dûns en Teater, de Ljouwerter Skotsploech en de ienakter 'Fêste ferhâlding'. Omrop Fryslân wie mei in spesjaal programma yn'e loft.

De Wike fan de Keunst spile him fierders fan 8 oant en mei 11 septimber yn Theater Romein ôf. Sawol by dûns as by toaniel waarden foarstellings brocht dêr't amateurs mei profesjonele stipe ta bysûndere risseltaten komme.

By de **dûns** wie dat op 8 septimber de foarstelling 'Labyrinth', mar ek de koreografyen 'Een ballonnetje oplaten' en 'Blues for Mama' fan Grietine Dûns en Teater. De iepening fan dizze jûn, mei in kombinaasje fan sjongen en dûnsjen, wie ek tige bysûnder en de muoite wurdich. De dûns waard fersoarge troch dosinten en foardere learlingen út Fryslân ûnder lieding fan Anneke Janssen. De sjongers wiene studinten út Grins û.l.f. Marijke Harsevoort.

Blaasmuzyk wie it haadbestandiel fan de **muzykdei** op 9 septimber. Middeis waarden



wike fan



de plannen foar in Internationaal Concours voor Blaasinstrumenten presintearre, jûns wie der oanslutend in programma mei blaasmuzyk fan it boppeste buordsje, mei houtblazersensemble Aquilo, kopergroep De Styl, it Frysk Hoornkwartet en solohoorniste Petra Botma-Zijlstra.

It **toanielûnderdiel** op 10 septimber begûn mei in ynliding fan dramaturch Hans Brans, oer it stik 'De Thuiskomst' fan Pinter, dat troch de amateurgroep Het Goois Miniatuurtheater op'e planken brocht waard. Dêr tusken troch wie in miel iten yn it teaterkafee fan Romein en de jûn waard ôfsluten mei in foarumdiskusje oer de fraach: 'Wêrom spilet bûten Fryslân wol wat yn Fryslân net spilet'.

Op freed 11 septimber wie der ek fan bûten Fryslân grutte belangstelling foar it **symposium 'Kwaliteit of automatisme**, over de geloofwaardigheid van beeldende kunst in de openbare ruimte'. Sprekkers wiene Cor Blok, Gunnar Daan en Auke de Vries. Middeis wie der in paneldiskusje û.l.f. Jean Leering, mei Tilly Buij, Gerlof Hamersma, Jan Maaskant en Zoltin Peeter, en in foarumdiskusje mei Gemma van Heerbeek, Hans Heijdenman, Huub Mous, Chris Vegter en Henk Visser.

Yn Galerie Romein wie tidens de Wike fan de Keunst de útstalling 'Fjouwer yn ien' te sjen.

Op sneon 12 septimber wie der in **play-in** foar jonge brassbandmuzikanten. De play-in waard middeis ôfsluten mei in konsert dêr't ek de Friese Jeugd Brassband oan meidie.

De fiering fan it **200-jierrich bestean fan it Nutsdepartement Leeuwarden** is troch it Frysk Keunstynstitút taret.

Op 17 septimber wie yn Theater Romein middeis ûnder lieding fan keunstynstitút-foarsitter Remco Heite in diskusje oer kultuerpartisipaasje, dêr't ynlidings fan û.m. Deputearre Liemburg, Michael Zeeman en Peter te Nuyl oan foarôf giene. Jûns wie der in tige farieard programma mei Anne Feddema, Henk Alkema, Grietine Dûns en Teater, kabaretier Jaap Mulder en it Deep River Quartet.

By de audysje fan '**De Vuurtoren**' gie it allinne noch mar om de tariedings foar in nije televyzjesearje / spylfilm, dy't nei alle gedachten yn de simmer fan 1993 troch regisseur Pieter Verhoeff opnommen wurdt en noch folle letter op de televyzje en yn'e bioskoop te sjen wêze sil. It is trouwens bemoedigjend hoefolle belangstelling der foar sa'n barren is. It gie benammen om it sykjen fan gaadlike haadrolspilers yn de leeftyd fan 13, 14 en 15 jier. In frij beskieden oprop yn de krante en op Omrop Fryslân levere mar leafst in lytse twahûndert kandidaten op foar 29, 30 en 31 maaie. Nei de fakânsje is mei in lytsere groep fierder gien en nei noch in stikmannich presintaasjes en ferlikings koe Pieter Verhoeff oan de ein fan it jier in definitive kar dwaan. It einrisseltaat fan it hiele barren, dêr't nochal wat organisatoaryske drokte om hinne siet, sil pas folle letter te sjen wêze.

De stipe oan de poadia is it ôfrûne jier fersterke, benammen de stipe oan it **CSTK-ferbân**. Dit gearwurkingsferbân tusken De Colle/Kollum, De Skâns/De Gordyk, Trebol/Harns en De Klink/Koudum presintearde him offisjeel nei bûten ta oan it begjin fan it nije seizoen 1992-1993. De gearwurking spitst him benammen noch ta op De Colle en De Skâns. Trebol út Harns hat de status fan kandidaatlid, by De Klink wie der in wikseling fan behearder. It liket derop dat der yn it seizoen 1993-1994 yn Harns ek wer in folweardich kultureel program fan'e grûn komme sil.

De **kontaktkommisje kulturele sintra** kaam twa kear byinoar. Yn it begjin fan it jier om oer de programmearing yn it nije seizoen te praten en yn oktober waard oer mear

algemiene saken praat, lykas lepen Teaterdei en Jeugdteaterdagen, de saaklike kant fan Tryater en it fuortbestean fan de stipe oan kulturele sintra fia it Frysk Keunstynstitút.

In wichtich ynstrumint om profesjonele poadiumkeunsten oer Fryslân te sprieden wurdt foarme troch de **provinsjale subsydzjeregeling teater en muzyk**. Mei dizze regeling wurdt befoardere dat der jierliks in differinsjearre oanbod oan profesjonele teater- en muzykútfierings yn Fryslân ta stân komt.

De útfiering fan de regeling is opdroegen oan it Frysk Keunstynstitút. Dêrfoar funksjonearret in kommisje besteande út in tal algemiene saakkundigen (skouboarchdirekteuren) en saakkundigen op it mêd fan jeugdteater, keunstsinnige foarming, klassike muzyk en popmuzyk. Dizze kommisje besiket yn in trijetal tawizingsrondes ta in sa goed mooglike ferdieling oer Fryslân te kommen.

Fan 60 útkeaporganisaasjes binne de oanfragen honoreard. Yn totaal waard der foar sa'n 350 foarstellings en konserten subsydzje oanfrege. Oer 265 oanfragen waard negatyf besluten, oer sa'n 85 posityf. Dêrby gie it yn totaal om f 225.770,-. Hjirop kinne ferskillende berekkenings loslitten wurde. Sa gie der bygelyks f 51.350 nei muzyk (alle genres, ynklusyf popmuzyk), f 13.700 nei festivals, f 17.750 nei dûns en beweging en f 62.900 nei jeugdteater. Wat de lêste kategory oangiet kin ûnderskied makke wurde yn f 31.000 foar jeugdteater yn kulturele sintra, f 27.400 nei skoallen (ynkl. f 25.000 foar Uur Cultuur) en f 4.500 nei it sosjaal kultureel wurk.

In oersjoch fan it oanbod dat der op it mêd fan de poadiumkeunsten is, is foar alle organisatoaren/útkeaporganisaasjes fan grut belang. Sa'n oersjoch funksjonearret it bêste as de útkeaporganisaasjes mei harren seizoenprogrammearing dwaande binne en dat is benammen yn de earste moannen fan it kalinderjier. Dêrom ek komt it boek **'Programmamooglikheden'** altyd yn it begjin fan it jier út. Yn 1992 wie dat ek it gefal. It oanbod út Fryslân wei waard yn in apart boek wiidweidiger presintearre. Yn it algemiene, lanlike oanbod waard it Fryske oanbod yn globale sin opnommen.

Ynformaasje jaan oer programmamooglikheden gie lykwols it hiele jier troch. Der giet gjin dei foarbij of der wurde fragen op dit mêd beantwurde. Dy stipe kin gean fan it simpelwei trochjaan fan in namme en adres fan in artyst of groep oant en mei it trochpraten en op papier setten fan de hiele opset fan de te organisearjen manifestaasje, lykas it foarbyld fan it Ljouwerter Nut sjen lit.

De **Jeugdteaterdagen** waarden yn 1992 foar de sânde kear organisearre. It programma stie dit jier alhiel yn it teken fan de dûns. De namme wie dêrom ek omdoopt ta **DANS3DAAGSE**. Op tsien plakken yn Fryslân waarden in tritichtal foarstellings brocht yn de wike foarôfgeand oan de hjerstfakânsje (14 o/m 16 oktober). Njonken skoalfoarstellings wiene der lêzings, workshops, in festival-kafee yn Ljouwert, in slotfeest yn Drachten en op jûn famyljefoarstellings. De belangstelling hie op guon plakken wat better kinnen, mar de organisaasje dy't wer yn de mande mei SKVF, Fries Service Centrum en de kulturele sintra opset wie, hie it himsels ek net sa maklik makke mei dizze tematyske oanpak. De kwaliteit wie tige yn oarder.

Ek by de **Kunstbende** en het **Scholierenfestival** wie der wer in gearwurkingsfoarm lykas by de Jeugdteaterdagen. Bij de Kunstbende lei it foartou by it Fries Service Centrum en by it Scholierenfestival by de SKVF. De provinsjale foarronde fan de Kunstbende wie dit jier op 23 maaie yn Sealen Schaaf te Ljouwert. It Fries Scholieren Theaterfestival wie op 27, 28 en 29 april op It Hearrenfean, yn Drachten en yn Ljouwert. Beide manifestaasjes wiene suksesfol.

De **Fryskafette** waard yn 1992 op beskieden wize fuortset. Foar in nije kursoaryske opset foar oankommend kabarettalint joech him mar ien groep op: Opskuor. Dizze groep hat stipe hân by it tekstskriuwen, by de presintaasje en de muzyk. De groep waard opnommen yn it **Fryskafette Plus** oanbod dat oan de kulturele sintra dien waard. Fryskafette Plus is in stapke fierder as Fryskafette. It giet dêrby om in toernee dat it Frysk Keunstynstitút organisearre mei de groepen Dames Dubbel, Mingde Noaten, Twirre, Adrie Ensa en Bennie Huisman. Dit tournee set lykwols pas yn de twadde helte fan it seizoen 1992-1993 op 16 jannewaris 1993 yn Warkum útein en einiget op 20 maart yn De Bidler yn Wergea. Der komme ek foarstellings op'e Jouwer, Wurdum, Sint Anne, Hurdegaryp, Heech, Kollum en Grou.

Fansels waard yn 1992 ek trochwurke oan it **Frysk Festival**. It bestjoer fan it Frysk Festival bringt sels in jierferslach út. De aktiviteiten yn 1992 wiene alhiel rjochte op it nije festival, dat yn 1995 hâlden wurdt. Konkrete útwurkings binne der noch net mar it sintrale idee sil wêze: Salut au monde / Fryslân groetet de wrâld. Yn Gaesterlân/Sleat waard help bean by it opsetten fan in **Mei-festival**. Dit nei oanlieding fan it bekende gedicht fan Herman Gorter, dêr't Balk prominint yn nei foaren komt.

In nije aktiviteit wie de stipe oan it **Jeugd Theater Overleg (JTO)**. It JTO is in oerlis tusken Fryske jeugdteatergroepen, te witten Fel Pastel, Operatie Blauw (earder Max en Suuz), De Maatjes, Lekker Puh, Finnisj, Holderdebolder en De Broertjes. Der waard in kear of fiif by it Frysk Keunstynstitút fergadere. Mienskiplike saken en problemen kamen dêrby nei foaren. It meast yn it each springend wie de mienskiplike foarstelling De Zevende Hemel op 2 en 3 jannewaris 1993 yn Theater Romein.

Ek waard it inisjatyf nommen om in rige fan fiif **Fryske cd's** út te bringen. Dit projekt koe yn 1992 net hielendal ôfmakke wurde mar it liket derop dat de earste cd's yn 1993 ferskine, te witten in cd mei de tenoar Albert Bonnema, lieten fan Tetman de Vries, de popgroep Reboelje, it Frysk Bernekoar en lieten fan Rients Gratama.

Yn de mande mei de Fryske Akademy waard foar meielkoar 958 dielnimsters en al wer foar de njoggenentritichste kear de rige **frouljuslêzings** hâlden. Lykas wenst waarden de acht lêzings hâlden yn Drachten (182 froulju), It Hearrenfean (210 froulju), Ljouwert (230 en 159 froulju) en Snits (177 dielnimsters).

Ek yn de mande mei de Fryske Akademy waarden foarstejiers studinten fan de **Hogeschool Holland** op 9 maart 1992 ûntfongen en wat ferteld oer de typysk Fryske kulturele problematyk.

Foar de leden fan it **CDJA-Fryslân** waard op 24 april dielnommen oan in foarum oer kultuerpolityk.

Net allinne de film fan Pieter Verhoeff frege omtinken, ek syn kollega **Jonne Severijn** kaam om ynformaasje en stipe by it Frysk Keunstynstitút yn ferbân mei in te meitsjen film oer de feanterijskiednis.

Foar it kaderwykein fan de **Ried fan de Fryske Beweging** dat mids novimber yn de Fryske Folkshegeskoalle op Skylge hâlden waard, waard in ynlieding oer noardlik oparbeidzjen fersoarge.

Fjouwer wike letter wie der in ynlieding foar en diskusje mei it bestjoer fan de stichting **Schylgeralân** oer it paad dat de folkshegeskoalle nei de takomst ta ynslaan moat.

Bûtenlânske kontakten wienen der sawol mei immen út it Spaanske Bilbao, as immen út Frankryk dy't beide om ynformaasje oer it Frysk fregen en de BBC dy't ynformaasje oer Fryske gebrûken ha woe.

Op fersyk fan it **European Writers' Congress** dat yn Lúksemboarch hâlden waard, soarge it Frysk Keunstynstitút foar de nedige ynformaasje en in kulturele presintaasje yn de persoan fan de Fryske sjonger Bennie Huisman.

In ynternasjonaal barren dêr't it Frysk Keunstynstitút ek yn behelle waard, is **Euroskoalle** dat yn de maaitiid fan it kommend jier hûnderten skoalbern út ferskate lytse Europeeske kultueren nei Fryslân bringe sil.

De **Kostúmkommissje fan Fryslân** hat yn it ferslachjier fjouwer kear in kursus organisearde, te witten:

- in kursus tuletrochstopjen mei tolve dielnimsters;
- in kursus oanklaaien mantsjepoppe mei tolve dielnimsters;
- in kursus Hylper mantsjepoppe mei tsien dielnimsters en
- in kursus mûtse opmeitsjen en earizer opsetten mei tolve dielnimsters.

Ek fjouwer kear waard der op útstallingsmêd wat dien. Yn de Hofwijck yn Ljouwert waard mei eigen materiaal in oersjoch fan it Frysk Kostúm útstald. Yn it museum yn Grou waard ek in útstalling ynrjochte mei foar in part materiaal út eigen besit. Meiwurking waard der jûn oan útstallings yn resp. it Frysk Lânboumuseum yn Eksmoarre en Aeolus yn Seisbierrum.

Foar de klaaijengekommisjes fan de skotsploegen yn Fryslân waard in foarljochtingsgearkomste organisearde mei help fan sawol it eigen besit as dat fan it Fries Museum.

Yn it selde museum waard ta gelegenheid fan Kunst op Komst twaris in kostúmshow fersoarge.

Foar it Pensjoenfûns fan de PTT waard yn hotel Lauswolt in lêzing mei dia's oer it Frysk kostúm fersoarge.

De kommissje wie fierders drok mei de tarieding fan in wersjoene edysje fan it wurkboek foar it Frysk kostúm dat sa't it doel is, yn 1993 útbrocht wurdt.

3.4. Dokumintaasje

Der waard fan alle kanten wer in grut berop op de dokumintaasje fan it Frysk Keunstynstitút dien.

Dêrby giet it om ynformaasje oer regelings op it mêd fan de byldzjende keunsten, adressen fan keunstners, muzykselskippen, diriginten, fûnsen, ensfh.

Nei de nije list mei provinsjale fûnsen wurdt in soad frege.

Der is fierders arbeide oan de opbou fan de dokumintaasje op it mêd fan de **podiumkeunsten** dy't feitlik op it nivo fan de byldzjende keunstdokumintaasje brocht wurde sil.

De komst fan de konsulint foar de popmuzyk op 1 oktober 1992 is direkte oanlieding om ek op dat mêd de dokumintaasje op te bouwen.

Oan de ein fan it jier is der in begjin makke mei de **ynventarisaasje** fan de boeke- en hânskriftkolleksje sa't dy oerkrigen is fan it eardere Frysk Toanielferbân.

Fan de **byldzjende keunstdokumintaasje** út wie der yn 1992 ûnder mear stipe foar Kunsthandel Borzo yn Den Bosch; Galery Farve, Heech; Galerie De Zandloper, Eastermar; De Nederlandsche Bank, Amsterdam; De Nederlandse Aardolie Maatschappij, Assen; De Nederlandse Gasunie, Grins; European Art Options, Wijk bij Duurstede; Smelik en Stokking Galleries, Den Haag; Anjerfûns Fryslân, Ljouwert; Iepenbiere Bibleteek, Burgum; Gemeente Smellingerlân/Iepenbiere Bibleteek Smellingerlân, Drachten; Dunlop, Drachten; Uitgeverij Waanders, Zwolle; Wilhelmina Ziekenhuis, Assen; BK-informatie, Den Haach; Kommisje Byldzjende Keunst fan de gemeente Tytsjerksteradiel, Burgum; Fries Film Circuit, Ljouwert; Art Connections, Grins; RABO-bank, Oerterp; Kommisje Seefardersmonumint, Skylge; Theater Romein, Ljouwert; Omrop Fryslân, Ljouwert en de Erasmus Universiteit fan Rotterdam.

In oprop oan de byldzjende keunstners om nije dokumintaasje yn te leverjen mei it each op de provinsjale oankeapronde, hat goed fertuten dien. De Provinsjale Advyskommisje Byldzjende Keunst hat yn septimber twa dagen útlutsen om de besteande en de nije dokumintaasje te besjen.

De **dokumintaasjekommisje** dy't de beroepsmjittigens fan de byldzjende keunstners mei it each op it opnimmen yn de dokumintaasje beoardielet, kaam yn it ferslachjier tsien kear gear.

In krante-artikel mei opmerkings fan Deputearre Liemburg oer de tapassing fan de betingsten nei oanlieding fan beswieren fan immen dy't út prinsipjele reden net oan de prosedure meidwaan wol, frege om in skriftlike reaksje yn de rjochting fan it Provinsjaal Bestjoer fan Fryslân. Yn it ferslachjier is dêr gjin antwurd mear op ynkommen.

De troch it Frysk Keunstynstitút yn opdracht fan de Provinsje Fryslân útfierde **Oankeap-subsydzjeregeling Keunstwurken (ASK)** hat yn it ferslachjier treflik wurke. Dat hat foaral te krijen mei it feit dat der no allinne subsydzje jûn wurdt op wurk dat op útstallings te sjen is. Dêrby giet it om oankeapen troch partikulieren yn de rin fan de útstalling fan it wurk fan keunstners út de trije noardlike provinsjes.

Op dit stuit binne der 75 útstallingsromten yn de regeling opnommen.

Yn 1992 waard der subsydzje jûn op 255 oankeapen.

De neifolgjende útstallingsromten yn Fryslân binne yn de regeling opnommen:

Galerie De Zonnebloem, Elsloo; Galerie Centaur, Elsloo; Kijkzaal, Wolvegea; Kunst-ruimte, It Hearrenfean; Museum Willem van Haren, It Hearrenfean; Museum Johannes Hesselhuis, De Jouwer; Galerie Artisjok, Tsjerkwert; Beeldende Aktief Sneek, Snits; Galerie De Vis, Harns; Museum 't Coopmanshûs, Frjentsjer; Galerie De Roos van Tudor, Frjentsjer; Museum Het Princessehof, Ljouwert; Stichting Beeldende Kunst, Ljouwert; Galerie Ooghoogte, Ljouwert; Galerie Eewal, Ljouwert; Galerie Van Hulsen, Ljouwert; Gemeentehûs Tytsjerksteradiel, Burgum; Galerij van de Lawei, Drachten; Galerie De Wouden, Wynjewâld en Galerie De Blauwe Roos, Burum.

Bûten de trije noardlike provinsjes gie it om:

Galerie Beeld en Aambeeld, Enschede; Galerie Mokum, Amsterdam; Pulchri Studio, Den Haag; Art Singel 100, Amsterdam; Galerie Klarendal, Arnhem; Galerie Brinkman, Amsterdam; Galerie De Mijt, Nederhemert; Galerie Espace, Amsterdam; Galerie Ronkes Agerbeek, Den Haag; Stichting Ateliers, Driebergen; Galerie Eewal v/h Het Kapelhuis, Amersfoort en Algemeen Burgerlijk Pensioenfonds, Heerlen.

Op fersyk fan it Ryksargyf yn Fryslân is de nedige tiid útlutsen om it dêr opsloegen argyf fan de Fryske Kultuerried op te skjinjen.

3.5. *Stipe*

It Buro Sintrale Stipe fan it Frysk Keunstynstitút fersoarge de personiels-, lean- en finansjele adminstraasje.

De folgjende organisaasjes makken yn 1992 gebrûk fan de administrative en organisaatoaryske tsjinstferliening:

- De Federatie van Friese Muziekscholen: siktariaatswurk, mei it tarieden en it ferslach meitsjen fan de gearkomsten dêrby ynbegrepen, it meitsjen fan it finansjeel jierferslach.
- It Fries Centrum voor het Amateurtoneel/Amateurtoanielskoalle: skriuwerskip en finansjele adminstraasje.
- It Skriuwersbûn: finansjele en lede-administraasje en de útjefte fan 'De Oesdrip'.
- De Stichting Fries Film Circuit: finansjele en lede-administraasje.
- De Fryske Rie: skriuwerskip en finansjele adminstraasje.
- De Stichting Frysk Lânboumuseum: personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum: finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Kunstzinnige Vorming Friesland: personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Hothouse Redbad: finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Samenwerkingsverband Muziekorganisaties Friesland: skriuwerskip, kursusorganisaasje en finansjele adminstraasje.
- De Stichting Samenwerkingsverband Korenorganisaties Friesland: skriuwerskip, kursusorganisaasje en finansjele adminstraasje.
- De Stichting Monument van de Maand: skriuwerskipswurk, personiels-, finansjele en leanadministraasje.
- De Stichting Frysk Festival: finansjele adminstraasje.
- De Stichting Fries Natuurmuseum: personiels- en leanadministraasje.
- De Stichting Westerkerk: personiels- en leanadministraasje.
- De Stichting Stimulearring Fryske Toanielskriuwerij: finansjele adminstraasje.
- De Stichting Friesland Pop: finansjele adminstraasje.

Foar it útlieën fan foar treden beskikbere apparatuer waarden yn it ferslachjier de folgjende sifers noteard:

	tal útlieënings		tal dagen	
	1992	1991	1992	1991
fideo-apparatuer	13	2	15	2
toanielferljochting c.a.	115	169	226	356
filmprojektor	5	2	6	2
overheadprojektor	8	5	15	15
lûdsapparatuer	11	5	19	9
dia-apparatuer	11	6	15	15

3.6. *Ferskaat*

It Frysk Keunstynstitút stelt him tige weromhâldend op as it om it dragen fan bestjoerlike ferantwurdlikens by oare organisaasjes giet.

Dochs waarden by seis organisaasjes **bestjoerssitten** beset.

Dêrby gie it om it ferfoljen fan it ponghâlderskip by de Nederlânske kommisje fan it Europees Buro foar Lytse Talen, it skriuwerskip fan de Stichting Frysk Festival, it skriuwerskip fan de stichting Fryske Rie en gewoan bestjoerslid fan de Stichting Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaesjesintrum, it Fûns Universitêre Festiging Fryslân en de Stichting Omrop Fryslân.

Yn it lêste ferbân makke de fertsjinwurdiger fan it Frysk Keunstynstitút û.m. in opset foar in nije bestjoersorganisaasje, te witten in lyts behearsbestjoer en in brede programmaried dy't stal oan de easke represintativiteit jaan kin.

It Frysk Keunstynstitút nimt diel oan it wurk fan de stichting LOPIK, it Landelijk Overleg van Provinciale Instellingen op het terrein van de Kunsten. Dy organisaasje realisearret in lanlik oerlis foar û.m. de konsulinten op it mêd fan de byldzjende keunsten en de muzyk.

Dêrnjonken wurde der regelmjittich kontakten ûnderhâlden mei it LCA, it Landelijk Centrum voor de Amateurdans en de VKV, de Vereniging voor de Kunstzinnige Vorming.

BW&H-design yn Ljouwert waard frege meitinke te wollen oer de fierdere 'housestyle' fan it Frysk Keunstynstitút. Dat liede û.m. ta in helder en dúdlik ûntwerp foar de nijsbrieven sa't dy troch it Frysk Keunstynstitút û.m. op it mêd fan de byldzjende keunsten en de dûns oan de belanghawwenden ferstjoerd wurde en foar rapporten en ferslaggen, lykas it jierferslach.

Foar sawol it troch it Kristlik Frysk Selskip jierliks útjûne bûsboekje as foar de Leeuwarder Stadsgids waard kopy mei ynformaasje oer it Frysk Keunstynstitút klear makke.

De media hienen rom omtinken foar net allinne de politike bedoelings mei it Frysk Keunstynstitút, mar ek foar it wurk fan de organisaasje. Sa ferskynden der berjochten


yn it Friesch Dagblad, de Leeuwarder Courant en it NRC-Handelsblad, lykas yn tal fan streekbledden. Ek wie der mear as ienris belangstelling fan Omrop Fryslân foar it wurk en wienen meiwurk(st)ers fan it Keunstynstitút te hearren foar de lokale omrop yn û.m. Ljouwert en Menameradiel.

It Frysk Keunstynstitút ferstjoerde sels yn de rin fan it jier ienenfjirtich kear in parseberjocht oer syn aktiviteiten. Foar treden waarden twahûndertentrije parseberjochten oan de provinsjale en regionale media ferstjoerd.

- * De foto's fan 'Keunst op Komst' yn dit jierferslach, binne makke troch Huub Mous.

de keunst

wike fan



4. *Bylagen*

HANS BRANS NIEUWE DRAMATURG VAN FRYSK KEUNSTYNSITUT

'Alleen wie onbevangingen kijkt kan van modern toneel genieten'

Door Sietsje de Vries

LEEWARDEN - Het eenvoudigste en misschien het meest verrassende antwoord op wat dramaturgie is, is volgens Hans Brans „het heel goed leren lezen van toneelstukken". Om dat te kunnen heeft een dramaturg niet alleen een gedegen kennis van het wereldrepertoire en de theatergeschiedenis nodig, maar dient hij ook enige cultuurfilosofische bagage met zich te dragen. Het is een betrekkelijk jong vak. In de jaren twintig en dertig begonnen regisseurs mensen uit de literatuurwetenschap bij het toneel te betrekken. Pas in de jaren zestig werd de theaterwetenschap aan de universiteiten losgekoppeld van de literatuur en sindsdien bemoeien dramaturgen zich niet alleen met de literaire, maar ook met de visuele kant van het theater.

In de jaren zeventig had ieder toneelgezicht van enige omvang een eigen dramaturg in dienst die de regisseurs bijstond bij het uitvoeren van het repertoire en bij de analyse en interpretatie van toneelteksten. Later werd de taak van de dramaturg uitgebreid en bleef hij in veel gevallen ook tijdens het repetitieproces bij de voorstelling betrokken. Sommigen zagen als risico van die groeiende bemoeienis van de wetenschap met het toneel, dat het theatermaken een bio-deleuze aangelegenheid zou worden. Dat de regisseurs te weinig vrijheid over zou blijven om hun eigen voorstelling te maken. Tegenwoordig zijn er dan ook gezelschappen, die bewust geen gebruik maken van de diensten van een dramaturg.

Post-modern

Daar komt bij, dat theatervoorstellingen tegenwoordig vaak op een heel andere manier tot stand komen dan tien jaar geleden. Een aantal moderne regisseurs heeft afgerekend met de gewoonte van

Het huidige beroepstoneel lijkt voor een buitenstaander een onontwarbare kluit.
Duidelijke stromingen ontbreken, zelfs het onderscheid tussen gevestigd en avant garde is verdwenen.
 Vaak gehoorde kritiek is dat het moderne toneel hopeloos elitair is. Dramaturg Hans Brans heeft de ontwikkelingen de laatste twintig jaar vanuit Amsterdam op de voet gevolgd. Sinds een half jaar is hij in dienst bij het Frysk Keunstynstút en biedt hij zijn diensten aan bij het Fries amateurstoneel en Fryater.

de analyse en interpretatie van een tekst het vertrek- en het eindpunt van een voorstelling te maken. Vaak gooit hij verschillende elementen door elkaar in de hoop dat daar iets uitkomt dat het aanzien menteren net zolang tot ze tevreden zijn over het resultaat. Eenheid van stijl is niet langer een voorwaarde voor een geslaagde voorstelling en daarmee heeft het post-modernisme ook in het theater zijn intrede gedaan.

Hans Brans: „De dramaturg heeft een andere functie gekregen. Hij wordt geacht een creatieve bijdrage te leveren aan een regisseur op zit te wachten is een dwingend interpretatie van een dramaturg. Het idee dat er een concept bestaat waaraan een toneelstuk moet voldoen is al lang losgelaten. Ook een dramaturg kan niets anders doen dan een tekst heel goed lezen en zich afvragen hoe het conflict zich ontwikkelt, of de personages consequent zijn opgebouwd en hoe het stuk eigenlijk in elkaar zit. Een allesomvattend eindoordeel is niet meer te geven, dat geldt voor een tekst, maar ook voor een voorstelling. De ene scène spreekt je aan, de andere niet."

Toneel bestaat bij de gratie van



Dramaturg Hans Brans: „Ik zie mezelf niet als een ontwikkelingswerker." Foto LC Paul Jaanssen

stilstaande afspraken tussen de toneelspelers en het publiek. Het duidelijkst zijn die aanwezig in het zogenaamde vierde-wandrealisme, waarbij de toneelspelers niet doen doen of de voor-kant van het toneel uit een onzichtbare wand bestaat en het publiek er niet is. De spelers doen of ze een ander zijn en alsd het in de ene scène een dag later is dan in de andere, het publiek gaat daarmee akkoord.

Het gevolg van al die experimenten, die vroeger voorbehouden waren aan 'de avant garde', is verwarring bij het publiek. Het steeds terugkerende verwijt is, dat het gesubsidieerde toneel nog elitaire is geworden dan het in de ogen van velen al was. Is het inmiddels zo ver gekomen, dat de stukken van moderne toneel-schrijvers en regisseurs als Gerardjan Rijnders en Frans Strijds alfeen nog te volgen zijn voor wie al hun voorgaande produkties hebben gezien?

Hans Brans: „Dat zou wel heel bizar zijn. Volgens mij is dat ook niet zo. Als mensen niet weten wat ze met die moderne stukken aanmoeten, komt dat vooral doordat ze zich laten koeleneren door de verwachtingen waarmee de televisie hen heeft opgescheept. Iemand die met het vooringsnomen idee een schouwburg binnenstapt, dat hij hetzelfde realisme krijgt voor-geschotel als op de televisie, wordt teleurgesteld. Ik geloof ook, dat het Amerikaanse realisme als in bijvoorbeeld 'Who is afraid of Virginia Woolf?' op de televisie of in de film met zijn close ups en andere extra mogelijkheden beter tot zijn recht komt dan op het toneel. Daarom heeft het realisme ook zijn beste tijd gehad in de schouwburg. Maar daarom valt er nog wel te genieten van toneel, ook zonder dat je de ontwikkelingen onbevangingen mogelijk in de zaal gaat zitten en op je eigen oordeel durft te vertrouwen."

„Het lijkt of het theater zich steeds verder van de realiteit afwendt, maar tegelijkertijd wordt heel direct op het toneel aangewend. Zo heb ik onlangs nagegezien hoe een groepje Italiaanse acteurs een echte muur op het toneel nietselde. Maar je moet wel meer in zo'n handeling willen zien dat zijn uiterlijke betekenis. Iemand die poffertjes staat te bakken op het toneel doet dat op een manier - bijvoorbeeld met heel veel flair - dat het ook iets van de karakter van dat personage zegt. Als het goed is herkent het publiek

daarin iets van de werkelijkheid en laat toneel hem dus op een andere manier naar die werkelijkheid kijken."


Amateurstoneel

Hans Brans werkt in Friesland vooral met amateurs. Hij begeleidt toneelschrijvers, verzorgt lessen bij regisseurs van het Fries Centrum voor Amateurstoneel/Amateurtoanielskoolle, begeleidt regisseurs en verzorgt inleidingen bij voorstellingen van het beroepstoneel. Wat merkt hij van de invloed van de ontwikkelingen in het beroepstoneel op het amateurstoneel?

„Ik weet eigenlijk niet of er wel iets van die ontwikkelingen doorsijpelt naar het amateurstoneel. Amateurs spiegelen zich al lang niet meer aan het beroepstoneel, de meeste amateurspelers komen zelden of nooit in de schouwburg. Wat er aan veranderingen plaats vindt in het amateurstoneel komt voort uit eigen behoeften. Het toneel in Friesland is altijd geocentreed geweest in de verenigingen. Mede door de vergrijzing en ontvolking van het platteland is er bij die verenigingen nooit zoveel veranderd. Nieuwe tendensen zie je vaak buiten de verenigingen. Mensen die een regie-opleiding hebben gevolgd en zelf iets begonnen, de jeugdtheaterschool, het scholierstoneel, de club van Roel Klompmaker in Buitenpost en dat project een paar maand geleden in de Leeuwarder wijk De Meenthe zijn daar voorbeelden van."

„Net als in het beroepstoneel kunnen al die verschillende stromingen heel goed naast elkaar bestaan. De meeste amateurs zitten nog gewoon bij een vereniging en daar hebben ze het prima naar hun zin. Dat moet ook zo blijven. Ik zie mezelf niet als een ontwikkelingswerker die tot taak heeft iedere vereniging en iedere speler op een hoger peil te brengen. Maar er is ook een groep die wel eens wat anders wil en die moet daartoe de kans krijgen. Daar wil ik graag aan meewerken."

Apeldoornse Courant
27.01.1992



● Vazen van Paulien Ploeger maken deel uit van de kleine expositie van werk van beeldend kunstenaars uit Friesland in de bibliotheek.

JUBILEREND 'FIER FAN HÛS' HOUDT HUIS MET EXPOSITIES

Van een onzer verslaggevers

APELDOORN — Voorzitter Yme Meintema van de feestcommissie is een beetje verbaasd. „Toen de exposities begonnen hebben we op enkele plaatsen in de bibliotheek stapels folders en zo neergelegd. Bijna overal zijn ze weg, meegenomen. Er bestaat blijkbaar een enorm grote belangstelling voor Friesland. Dat had ik eigenlijk niet verwacht”.

Meintema en de zijnen hebben ter gelegenheid van het 90-jarig bestaan van het Frysk selskip 'Fier fan hûs', de vereniging van in Apeldoorn en omgeving wonende Friezen, de bibliotheek aan de Vosselmanstraat tot eind deze maand een Fries sfeertje gegeven: vlaggetjes aan de trappen, boeken over Friesland, exposities over de schrijfster Tiny Mulder, een stand van de Friese vogelwacht en in de vitrines kunst uit Friesland.

„De medewerking van tal van Friese instanties en organisaties is groot geweest en mede daarom is het gelukt een breed scala van Friese zaken hier te etaleren. Wie een beeld wil krijgen van wat Friesland aan cultuur te bieden heeft, moet beslist een kijkje nemen”, zegt Meintema.

Hoofdschotel van de manifestatie is de expositie over leven en werk van de Friese schrijfster Tiny Mulder uit Jellum, die in april '91 70 jaar is geworden. De expositie is gemaakt door het Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaejesintrum in Leeuwarden. Aan de hand van foto's, brieven, recensies en boeken wordt het een en ander verteld over deze veelzijdige in Beesterzwaag geboren auteur, die o.a. vele jaren verbonden is geweest aan het

Friese sfeer in bibliotheek

Fries Dagblad en bij de Regionale Omroep Noord en Oost de litaire rubriek 'Letterlape' (merklap) heeft gehad. De tentoonstelling, die eveneens de titel 'Letterlape' meekreeg, toont de veelzijdige activiteiten van Tiny Mulder aan. Zij debuteerde in 1954 als schrijfster voor kinderen met het boek 'It boek foar de Fryske bern', ze publiceerde diverse versbundels waarvoor ze in '86 de provinciale Gysbert Japicx Prijs kreeg en ze schreef verscheidene verhalenbundels en romans, zoals 'Tin iis', waarin zij het leven in oorlogstijd in een Fries gezin beschreef en dat als 'Gevaarlijkis' door haarzelf in het Nederlands vertaald werd. Haar meest recente roman is 'In moai leeftyd' waarin ze een oudere Nederlandse emigrante in Canada beschrijft die op haar leven terugkijkt. Jarenlang heeft Tiny Mulder de belangen van de Friese schrijvers behartigd in de Raad voor de Kunst. Dat ze veel goede contacten in de wereld van de letteren heeft, ook met niet-Friese schrijvers, bewijzen haar optredens bij Poetry International in 1973 in Rotterdam en bij andere literaire manifestaties en het feit, dat er nogal eens werk van haar hand in bloemlezingen opgenomen wordt.

KUNST

Kunst van een aantal Friese kunstenaars is dankzij het Frysk Keunstynstitút naar de Apeldoornse bibliotheek overgebracht. Het gaat om een selectie uit de provinciale aankopen 1990. Die provinciale aankopen zullen de basis gaan vormen van het verzamelbeleid

van de nieuwe afdeling moderne kunst van het Fries Museum in Leeuwarden.

In de vitrines op de eerste verdieping van de bibliotheek zijn werken te zien van o.a. Ruudt Peters (een halssieraad), Paulien Ploeger (een aantal keramische vazen), Benno Reichhart (houten objecten) en Guus Hellegers (een brons). Overigens is heel recent verschenen het boek 'Beeldende kunstenaars in Friesland' dat een uitgebreid overzicht geeft van de activiteiten van heel wat kunstenaars in die provincie.

TELEFOON

De feestcommissie van 'Fier fan hûs' heeft zich heel wat moeite getroost Friesland op een zo breed mogelijke manier te presenteren. Op diverse plaatsen zijn stands ingericht met informatie over de meest uiteenlopende Friese activiteiten en organisaties, zoals over de Elfstedentocht, het kaatsen, de Friese vogelwacht, de Stichting It Fryske Boek en de muntuitgave ter ondersteuning van het archeologisch terpenonderzoek in Wijnaldum, om maar een paar dingen te noemen. En dan is er ook nog 'Operaesie Fers', de gedichtentelefoon. Na het draaien van een bepaald nummer is een Fries gedicht te horen. Friesland laat zich in de bibliotheek ook horen... En dat allemaal om, zoals 'Fier fan hûs'-voorzitter Theun Ruim in het mededelingenblad van het 'selskip' schrijft: het grote publiek te laten weten dat de Friezen in en om Apeldoorn trots zijn op hun eigen taal en cultuur.

Fryskafette speurt naar cabarettalent

LEEWARDEN - De presentatie van de derde Fryskafette, die op 1 februari zou plaatsvinden, is uitgesteld tot 7 maart. Door onderbezetting bij it Frysk Keunstynstitút was er te weinig publiciteit gegeven aan het cabaretfestival, waardoor het aantal aanmeldingen tot één beperkt bleef. Door het uitstel van een maand krijgen beginnende kleinkunstenaars uit Friesland een tweede kans om deelname aan Fryskafette af te dwingen.

Ook dit jaar heeft Fryskafette weer een cursorische opzet. Alleen het eerste jaar had Fryskafette de opzet van een talentenjacht. Door het tegenvallende niveau van de deelnemers heeft het Keunstynstitút vorig jaar voor een cursus kleinkunst gekozen. De resultaten waren zodanig, dat die formule voor dit jaar gehandhaafd is. Beginnende cabaretiers kunnen op 7 maart in het FTF/Tryatergebouw in Leeuwarden auditie doen voor Fryskafette. Wie overeind blijft tijdens die auditie wordt in de gelegenheid gesteld in het voorjaar en najaar een cursus te volgen.

In maart en april worden de kandidaten tijdens een aantal weekeinden onderworpen aan lessen in presentatie, programmaopbouw en tekstschrijven of

muziek, al naar gelang de behoeften. In september en oktober krijgen de kandidaten de kans onder begeleiding verder te werken aan hun eigen programma. In november volgt een aantal optredens in Friese culturele centra. Docenten zijn toneeladviseur Wouter Daane, dramaturg Hans Brans en muziekdocent Anne Oosterhaven.

Het Frysk Keunstynstitút hoopt op deelnemers, die serieus van plan zijn in de naaste toekomst het podium met een eigen programma te betreden. Fryskafette is niet bedoeld voor wie het gewoon leuk lijkt een paar lessen presentatie en tekstschrijven te volgen.

Gevorderden

Volgens drs. Jaap Castelein wordt op Frysk Keunstynstitút verder nagedacht over een Fryskafette voor gevorderden. De deelnemers van vorig jaar - Twirre, Froufolk en Adri de Boer - of andere kleinkunstenaars die al langer aan de weg timmeren, zouden daarin samen een avond kunnen verzorgen. „Wy moatte eins noch mei de tariesingen begjinne, mar wy wolle al besykje de kulturele sintra takom jier wat oanbiede te kinnen. As Fryskafette ta dy iene kursus en dy pear optreden beheind bliuwt, sjit it syn doel foarby.”

Week-uit 30.01.92

Visie Knip op Waddenlandschap

LEEWARDEN - Vanaf morgen exposeert de in Leeuwarden wonende Jaap Knip in het Fries Natuurmuseum. Zijn tentoonstelling, waar een dertigtal werken is te bezichtigen, is getiteld „Jaap Knip”, wadschappen”.

Het thema is landschapsvormen, geïnspireerd op het Waddengebied. In de expositie kan men zien, welke ontwikkeling de kunstenaar heeft doormaakt. Werkte hij een aantal jaren geleden met een realistische weergave, nu bedient hij zich van een uitbeelding in meer abstractere vormen. Het



werk van Jaap Knip kenmerkt zich door een heftige manier van werken en een uitbundig gebruik van kleuren. Er zijn diverse technieken gebruikt, onder andere olieverf en gouache. Al eerder werden schilde-

rijen van Jaap Knip tentoongesteld. De expositie „Jaap Knip, wadschappen” wordt geopend door Huub Mous van It Frysk Keunstynstitút en duurt tot en met 2 maart (foto: Ton Aartsen).

Jaap Knip
(Week Uit van 230 januari 1992)

Beelden van Hein Mader bij Tuin '92

LEEWARDEN - Beeldhouwer Hein Mader uit Mantgum is door het Frysk Keunstynstitút gevraagd om een deel van zijn beelden tentoon te stellen tijdens de manifestatie Tuin '92 in de Frieslandhal in Leeuwarden. Het werk van Mader staat dicht bij de natuur. Hij gebruikt steen, marmer en andere vormen van natuursteen. Daarnaast werkt hij ook met brons, beton en hout.

F.D. 27.02 '92

